


# De Treffer



v.v. SDS



# De Treffer

**klupblêd fan fuotbalferiening SDS**

jiergong 35 nûmer 3

novimber 2004



**Redaksje:**

Aant Hofstra  
Hinke Kuiper  
Durk Okkema  
Sjoerd van Beem  
Willem Wijnia  
Metsje Huitema

**Adres:**

Swingoerd 25, 8731 CV Wommels 0515-332364  
Skoallestritte 52, 8734 GN Easterein 0515-332727  
Sjaardaleane 7, 8734 GH Easterein 0515-333005  
Molewâl 4, 8731 AD Wommels 0515-332482  
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels 0515-331444  
Tywert 4, 8731C L Wommels 0515-333295

**tillefoan:**

**Bestjoer:**

Rienk Wiersma	Itingewei 4, 8735 HT Itens	0515-332400	Foarsitter
Ymic Kamstra	Monsamabuorren 1, 8844 KT Hennaard	0515-332149	Skriuwer
Willem Twynstra	De Ljits 1, 8734 HL Easterein	0515-332570	Ponghâlder
Teake Brouwer	De Omrin 40, 8831 ZD Winsum	0517-341594	Materialen
Tinus Hoekstra	Skipperbuorren 17, 8734 GT Easterein	0515-331866	Wedstriidsekretariaat
Dukke v/d Wey	Skoallestritte 38, 8734 GN Easterein	0515-332340	2 <sup>e</sup> ponghâlder
Jappie Wijnia	De Jister 3a, 8731 EB Wommels	0515-332245	Foarsitter jongerein
Eddy de Boer	Skippersbuorren 15, 8734 GT Easterein	0515-331533	Lede-administraasje
Enne Jeh. Bruinsma	De Singel 12, 8734 HR Easterein	0515-332013	PR en Reklame
Roel Sijbesma	De Singel 17, 8734 HP Easterein	0515-332186	Sen. / Technyske saken

**Jongereinkommisje:**

Jappie Wijnia	De Jister 3a, 8731 EB Wommels	0515-332245	Foarsitter
Koos Plantinga	De Singel 24, 8734 HR Easterein	0515-332448	Skriuwer
Tineke Vink	De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	Sekretariaat
Pieter Groenveld	't Bosk 18, 8731 BL Wommels	0515-333927	Algemien lid
Anne Hallema	De Singel 19, 8734 HP Easterein	0515-332928	Algemien lid
Syb Overal	De Singel 7, 8734 HP Easterein	0515-331532	Algemien lid

**Akkomodaasje:**

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

**Fersoarging terrein en materialen:**

Andries Stuiver	A.Jouustritte 4, 8734 GJ Easterein	0515-332872
Hans Kooistra	De Singel 9, 8734 HP Easterein	0515-331560
Sjouke Sjoukema	Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Harm Bergsma	Skoallestritte 46, 8734 GN Easterein	0515-332476

**Konsul:**

Pier Faber, 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

**Bankrelaasje:** 34.95.01.033 Rabobank Bolsward e.o.

## Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

### Korrespondinsje besoarging Treffer:

		Tillefoan:
Easterein:	Hinke Kuiper, Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein	0515-332727
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Oare plakken:	Hinke Kuiper, Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein	0515-332727

### Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 49,95	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 36,05	it healjier
Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 63,85	it healjier
A- en B-junioren:	€ 39,65	it healjier
C-junioren:	€ 33,45	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 27,25	it healjier
F-pupillen:	€ 23,65	it healjier
foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting		

### Tagong wedstriden earste âlvetal € 2,-

Foar leden en stipers is de tagong fergees.

### Stipers

Stipers fan € 12,- (of mear) yn it jier, krije "de Treffer" fergees. Wurdt "de Treffer" mei de post opstjoerd dan freegje wy in bydrage yn de porti-kosten..

### Klup fan 50

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo ynlis wurdt brûkt foar de jongerein fan SDS. Dêr tsjinoer stiet dat jo ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd krije en dat jo by kompetysje-wedstriiden fan ús earste âlvetal frij tagong hawwe. Foar neiere ynljochtings kinne jo skilje mei Willem Twijnstra (till. 0515-332570).

### Oanmelding nije ledien:

Aspirant jongereinleden kinne foar in oanmeldingsformulier en foar neiere ynformaasje skilje mei de skriuwer fan 'e jongereinkomissje, Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant senioren (fjildfuotbal) kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant sealfuotballers kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimatearje moatte, is ek nog in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Neiere ynformaasje is te fynen op: [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

**29 novimber**

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres: [detreffer@vv-sds.nl](mailto:detreffer@vv-sds.nl)



## Wiepkje



side 8

## toffels



side 17

## pupillen



side 39

## Ynhâldsopjefte

<u>Redaksjepraat</u> .....	4
<u>Fan it bestjoer</u> .....	4
<u>Nieuws vanuit de Jeugdcommissie</u> .....	5
<u>Zaaltraining SDS jeugd 2004 - 2005</u> .....	6
<u>'t HIMD FAN IT LIIF</u> .....	8
<u>Oan it wurd</u> .....	9
<u>It Ijocht op in sponsor</u> .....	11
<u>Hinke Kuiper nimt ôfskie</u> .....	12
<u>Meinte Sixmatoernooi groot succes</u> .....	13
<u>SDS 3 hoera hoera!</u> .....	14
<u>It geheim fan SDS 4</u> .....	17
<u>Evert op de tekst oer SDS 5</u> .....	19
<u>Bas op de tekst oer SDS 5</u> .....	20
<u>Wedstriidferslach B1</u> .....	21
<u>Wedstriidferslagen SDS C1</u> .....	22
<u>F4 – de jongste talinten fan SDS</u> .....	24
<u>Samar in wedstriid mei E4</u> .....	25
<u>Fan de skeids</u> .....	27
<u>Standen sealfuotbal per 29 oktober 2004</u> .....	28
<u>Standen fjildfuotbal</u> .....	29
<u>Ut de âlde doaze</u> .....	33
<u>SDS 2 1983</u> .....	33
<u>Doelpunten 2004-2005</u> .....	34
<u>SDS League: Stân per 28 oktober</u> .....	35
<u>Trefferkes</u> .....	36
<u>Aginda</u> .....	40

# Redaksjepraat



Al wer in nije Treffer sille sommigen sizze. Gelokkich einliks wer in nije Treffer, sille oare sizze. En dat lêste gefoel oerhearsket wat at wy sa om ús hinne heare.

Logysk. Yn in moanne bart der safolle en alles wurdt op ynternet setten en at je dêr dan net regelmjittich opsjogge dat hawwe je it gefoel dat je in hiel ein efter binne. Ek wy heare lûden mei de fraach at de Treffer aanst ophâldt no't it nije medium wichtiger wurdt. Wy kinne elkenien gerêststelle: der binne perfoarst gjin plannen om it oars te dwaan. Dizze Treffer stiet wer grôtfol mei ferhalen en oare saken dy't net op [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl) stien hawwe. Dus echt nijs foar elkenien.

Fierderop yn dizze Treffer kinne jim lêze dat Hinke A. Kuiper òfskie nommen hat fan de redaksje. Wy winskje jim in protte lêsnocht.

(AH)

## Fan it bestjoer

We binne al wer in aardich skofke oan it fuotbaljen yn it seizoen 2004-2005, ú.l.f. Lyckle Bleekveld en de resultaten fan ús flaggeskip meie der wêze.

Nei 8 wedstriden binne der 16 punten behelle en dat is krekt likefolle as foarich jier nei 8 wedstriden. De 1<sup>ste</sup> perioade koe ek noch pakt wurde, mar dat slagge krekt net !

Ferskeidene jeugdteams en it 4<sup>e</sup> spylje ek al yn it moaie nije shirt fan SDS.

It is in wyt shirt mei swarte boarden en inkele swart/oranje aksinten derop (ú.o it "alde" logo en in streep op de

mouwen). Dit shirt is no de kleanline sa't dy opset is by SDS, sadat elk lid (skylk) yn itselde shirt spilet, al of net mei reklame(sponser) opdruk.

Op 'e ledefergadering fan ôfrûne moande (25 okt.) ha wy de shirts besjen kinnen.

De kosten hjirfoar binne € 0,50/ moanne per lid (fan F-pupil oant senior).

2x yn't jier ( tagelyk mei de kontribúsje) wurdt der € 3 foar it kleanfûns òfskreaun, mar om't de earste ynkasso fan dit jier al west hat, wurdt der yn febrewaris 2005 € 6 òfskreaun. De shirts bliuwe eigendom fan SDS.

Der is in kleankommisje dy't it alle-gearre koördinearret en yn 'e takomst komme de broek en de sokken der nei alle gedachten ek by.

Op 1-1-2005 wurdt de kontribúsje mei 2 % ferhege. Spitiernôch moat Teake Brouwer om sûnens reden stopje mei syn bestjoerswurk. We hoopje him noch wol gauris as supporter op it fjild tsjin te kommen, mar foar de materiaalsaken giet it bestjoer op syk nei in opfolger.

We geane no de wintertiid hast wer yn, sadat der wer mear yn 'e seal fuotballe wurde sil. De pupillen ha wer de noadige toernoaien en de junioaren (A en B) ha in eigen toernoai op

8 jannewaris (jûns) en de senioaren op 15 jannewaris.

Fan alle aktiviteiten en oar nijs wurde jim fansels ek op de hichte hâlden troch ús webmasters op [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl).

Immie.

## Nieuws vanuit de Jeugdcommissie

Voor het winterseizoen staan de volgende activiteiten op het programma.

- Van **1 november t/m 25 februari 2005** de zaaltrainingen
- Zaterdag **11 december** M. Syseling toernooi voor F en E pupillen
- **18 december, 8, 22, 29 januari en 5 februari** het Greidhoeke toernooi voor alle F, E en D pupillen
- **29 december** kersttoernooi voor F, E en D pupillen 09.00 t/m 17.00uur
- **31 december** kersttoernooi voor C junioren (09.00 t/m 13.00uur)
- **8 januari** zaaltoernooi voor A en B junioren (18.30 t/m 22.30uur)
- **Tussen kerst en oud en nieuw** het K.N.V.B. kersttoernooi voor D1, C1, B1 en A1
- De C3, C2 en B2 spelen in **januari en februari** mee in een futsal competitie

Voor alle bovenstaande activiteiten volgt nadere informatie via trainer, leider of de Treffer.

Aangezien nieuwe leiders en trainers vaak tegen een hoop dingen aanlopen die voor hen onbekend zijn, zal er door de jeugdcommissie voor het volgend seizoen een leidersgids worden gemaakt

De jaarlijks terugkerende jeugdactie wordt zoals gebruikelijk niet in de maand november georganiseerd maar volgend jaar in februari of maart. Wat voor actie het gaat worden is nog niet bekend.

Alle pupillen teams spelen voor de winterstop 11 wedstrijden. (tegen alle teams een keer)

Aan de hand van de ranglijst na 11 wedstrijden zal er na de winterstop een nieuwe indeling worden gemaakt.

Een team kan dus geen najaarskampioen meer worden.

Koos Plantinga is na 5 jaar gestopt als lid van de jeugdcommissie, ondertussen heeft hij een nieuwe functie in de technische commissie aanvaard.

# Zaaltraining SDS jeugd 2004 - 2005

Dag	Datum	Team	Tijd	trainer
Maandag	1-nov	F4	17.00 uur	Andre Vink
Donderdag	4-nov	E1/E2	17.00 uur	Samme Overal/Andre Vink
Vrijdag	5-nov	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra
Maandag	8-nov	D2	17.00 uur	Durk Y Sjaarda
Donderdag	11-nov	F3/F4	17.00 uur	Andre Vink
Vrijdag	12-nov	E3/E4	17.00 uur	Paul de Boer/Anne Hallema
Maandag	15-nov	F3	17.00 uur	Andre Vink
Donderdag	18-nov	E1/E2	17.00 uur	Samme Overal/Andre Vink
Vrijdag	19-nov	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra
Maandag	22-nov	C3	17.00 uur	Anne Hallema
Donderdag	25-nov	F3/F4	17.00 uur	Andre Vink
Vrijdag	26-nov	E3/E4	17.00 uur	Paul de Boer/Anne Hallema
Maandag	29-nov	D1	17.00 uur	Durk de Jong
Donderdag	2-dec	C2	17.00 uur	Klaas Pompstra
Vrijdag	3-dec	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra
Maandag	6-dec	C1	17.00 uur	Tjipke Klaas Okkema
Donderdag	9-dec	E3/E2	17.00 uur	Paul de Boer/Andre Vink
Vrijdag	10-dec	E1/E4	17.00 uur	Samme Overal/Anne Hallema
Maandag	13-dec	D2	17.00 uur	Durk Y Sjaarda
Donderdag	16-dec	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra
Vrijdag	17-dec	C1	17.00 uur	Tjipke Klaas Okkema
Maandag	3-jan	C2	17.00 uur	Klaas Pompstra
Donderdag	6-jan	E1/E2	17.00 uur	Samme Overal/Andre Vink
Vrijdag	7-jan	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra
Maandag	10-jan	F3	<u>16.00 uur</u>	Andre Vink
Maandag	10-jan	D1	17.00 uur	Durk de Jong????
Donderdag	13-jan	E3/E4	17.00 uur	Andre Vink/Paul de Boer
Vrijdag	14-jan	C1	17.00 uur	Tjipke Klaas Okkema
Maandag	17-jan	F4	<u>16.00 uur</u>	Andre Vink
Maandag	17-jan	C3	17.00 uur	Anne Hallema
Donderdag	20-jan	E1/E2	17.00 uur	Samme Overal/Andre Vink
Vrijdag	21-jan	B1	17.00 uur	Harm Abma
Maandag	24-jan	F3	<u>16.00 uur</u>	Andre Vink
Maandag	24-jan	D2	17.00 uur	Durk Y Sjaarda
Donderdag	27-jan	B2	17.00 uur	Stefan van Krimpen
Vrijdag	28-jan	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra
Maandag	31-jan	F4	<u>16.00 uur</u>	Andre Vink
Maandag	31-jan	D1	17.00 uur	Durk de Jong????

Donderdag	3-feb	E1/E2	17.00 uur	Samme Overal/Andre Vink
Vrijdag	4-feb	E3/E4	17.00 uur	Anne Hallema/Paul de Boer
Maandag	7-feb	C2	17.00 uur	Klaas Pompstra
Donderdag	10-feb	F3/F4	17.00 uur	Andre Vink
Vrijdag	11-feb	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra
Maandag	14-feb	C3	17.00 uur	Anne Hallema
Donderdag	17-feb	E1/E2	17.00 uur	Samme Overal/Andre Vink
Vrijdag	18-feb	E3/E4	17.00 uur	Anne Hallema/Paul de Boer
Maandag	21-feb	C2	17.00 uur	Klaas Pompstra
Donderdag	24-feb	F3/F4	17.00 uur	Andre Vink
Vrijdag	25-feb	F1/F2	17.00 uur	Douwe Reitsma/Bauke Dijkstra

### **Opmerkingen:**

Maandag 2/3 hal beschikbaar.

Donderdag en vrijdag de hele hal beschikbaar.

## **Kenniskwis** **Foarrondes op**

4 novimber 18 novimber en 2 desimber

Kom sjen hoe't Anne,Durk, Dirk, Lolke, Klaas,

Kees, Lyckle, Jappie en Mark it der ôfbringe.

Wa pleatst him foar de finale begjin jannewaris?

**Kom sjen yn de kantine op de Skoalleseize**

**Om 21.30 oere**

# 't HIMD FAN IT LIIF



**Ik bin Wiepkje Hiemstra en hear  
by Robert Sybesma. (SDS 1)  
Wy wenje tegearre yn Easterein.**

## Hoe fynsto dat dyn freon fuotballet?

Hiel leuk!!  
As ik kin, dan kom ik te sjen.  
Mar it is foar my wol belangryk dat hij  
mei doch want dat makket it in stik  
spannender.

## **Moatte jimme ek wat spesjaals ite op sneon?**

Ja , wy ite altiid pasta op sneon, een  
goeie panne fol.  
Yn it begin fan it seisoen kaam Robert  
thús en frege oan my dat ik wol bananen  
helje wol want, Gert-Jan en Hindrik  
diene dat ek en die waarden der hiel goed  
troch.

Dus dat docht Robert no ek elke wike.  
Of it helpt dat wit ik net. (de goals  
bliuwe noch wol wat út).

## **Binne der fierders ek fêste rituelen foar de wedstriid?**

Robert giet altiid een bakje kofje heljen  
yn de kantine.  
Of hij draait een bar tsjinst.  
Fierder binne der net echt feste rituelen  
foar de wedstriid.

## Seks foar de wedstriid???

No flak foar de wedstriid ha we mar  
ôfskaft, want Robert fjilde dat wol yn de  
fuotten onder de wedstriid.  
En dat moat net natuerlik.  
Mar fjirder is it gjin probleem.

## **Fielsto ek wat fan de wedstriid- spanning fan Robert?**

Net echt , it hinget wol fan de wedstriid  
of.  
Ik lit Robert altiid mar wat gewurde op  
sneon te moarn.  
Dan ha we ek gjin misferstannen.

## **Wat fynsto it moaiste fuotbalmomint fan Robert?**

Dat se woenen yn it Fec, dat wie  
echt geweldich !!!  
En ek dat der doe fuotballer fan it  
toernoai wurden wie.

## **Wat docht hy mei syn fuotbal tas nei de wedstriid?**


Oh, dy rommet hy keurich op dat kin  
Robert wol goed.  
En de wask doch ik, want dat kin der  
echt net!!!

## Wat wolst do noch kwyt?

Robert kin yn' e seal ek goed balje en ik  
soe it leuk fine  
as der noch in kear hegerop koe,  
mar alderearst hoopje ik dat der vrij fan  
blessueren bliuwt.

(MH)

# Oan it wird



## Lykle Bleekveld

De nije trainer fan SDS 1 is Lykle Bleekveld (39) út Dronryp. Om't hy foar it grutte publyk miskien noch wat unbekend is, ha wy in ynterview mei him hân. Op in trochdewykse tiisdei yn oktober wiene wy by him, syn vrou en harren dochterke fan 2 jier te gast, wêr't we tige gastfrij üntfongan en fersoarge binne. Wy wiene tegearre. Metsje foar de wat persoanliker saken en Sjoerd foar de fuotbaltechnyske fragen.

Hjir kinne jimme lêze wat we allegearre frege ha en hokker antwurden Lykle jûn hat.

### Wat is dyn fuotbal / trainersferline?

Ik bin fan orizjine in Menamer en gie doe't ik in jier as seis wie op fuotbal by Foarút. Ek gie ik fan jongs ôf oan al fuort te keatsen. Oant myn 35 e ha ik yn it earste fan Foarút balle, sawol op it fjild as yn de seal.

Om't ik as fuotballer altiid al in protte neitocht oer it spultsje bin ik in oantal jierren lyn begûn mei it folgjen fan trainerskursussen.

Fiif jier lyn bin ik frege troch Ouwe Syl om dêr trainer te wurden en dat ha ik dyn.

### SDS spilet sùnt dyn komst in nij systeem (zonefuotbal), werom?

It foarneamste is dat alle spilers sa op it goede plak stean bliuwe. Ast man op man spilest, dan rinne spilers faak ris út harren posysje en dat komt it spul by de omskeakeling nei balbesit net te'n goede. Fierders is it in systeem weryn't wy, as lieding, de jongere spilers better ynpasse kinne.

It oppakken fan it systeem troch de spilers fan SDS 1 is my meifallen. Se dogge it goed.

### Wat fynst fan de klub SDS yn it algemien?

It is in echte doarpsklup, krekt as hoe as ik it my foarsteld hie.

Dat fyn ik moai, want ik bin sels ek in doarpsman. De organisaasje stiet goed en der is binnen de klup en stifting Skoalleseize in breed draachflak en dat is in goede saak.

Der wordt troch in protte minsken in protte wûrk fersetten!

## Wat is dyn ambysje mei SDS?

Foar it seizoen ha wy ús te'n doel steld om ús te hanthaven. As it oan de winterstop noch sa goed giet as no, dan kinne we dizze doelstelling miskien wol bystelle.

## SC Hearrenfean of Cambuur?

It Fean! Ik ha al 16 jier in kaart.

Mar ik kom sa út en troch wolris by Cambuur. Sa ek in kear doe't ik foar oefenmeester 2 in wedstriid fan Cambuur analysearre moast. Ik hie fia Wout de Jong (meiwurker Cambuur) 2 kaarten regele. Doe't we by de balie kamen en de meiwurkster frege nei ús kaarten moast se earst efkes sykje. Doe't se se fún hie, seach se ús noch al gnyskjend oan. Se sei dat we de kaarten kriegen op 1 betinkst en dat wie dat we beide in Cambuur sjaal om dwaan moasten (dy tovere se ûnder har buro wei) en dat we by eltse Cambuur goal juiche moasten.

## Foar hokker trainer ut it betelle fuotbal hast bewûndering en werom?

Foppe! Bûten dat er gewoan in hiel aardich mins is, is dy man sa beslein troch it spultsje, dat sprekt my oan. Ik ha ea ris in evenwicht analyze fan it Fean meitsje moatten, tegearre mei in oare kursist. Wy kamen ta de konklúzje dat it Fean op dat stuit te min spilers mei in goeie lofster foet hie. Doe't wy der in petear mei Foppe oer ha soene, tovere hy alderhande mappen en skriften te foarskyn en begün er te fertellen oer it fuotbal en syn fisysc der op. Hy die dit op in wize dy't my tige oansprutsen hat.

## Wat is it doel fan it 'efterinoar oan rideu nei in útwedstriid?

Fuotbal is in teamsport. En as je neigeane dat inkelen it paad net altiid witte, dan kinne je better mar byinoar bliuwe no?

## Ter ôfsluting noch inkele koarte fragen.

- # Hellet R. Koeman de kryst? Nee
- # Oranje op it WK 2006? Ja
- # Foppe nei Peking? Ja
- # Frans Bauer of DJ Tiesto? Frans Bauer
- # Smoke of net Smoke? Ik smook net, mar bin der net op tsjin.
- # Fris of in bierke? Bierke, op syn tiid.
- # Te let of te betiid? Op'e tiid.

Nei ôfrin fan it ynterview en de neisit, ride we werom nei Wommels en binne we it der beide oer iens, dat SDS wer in sympathike trainer binnen helle hat.

(MH en SvB)



## It ljocht op in sponsor

Oan de Dijkstraat yn Boalsert is festige

### “Vakfotografie Eize Wiersma” die andere fotograaf

De namme seit al in protte. Net samar in foto meitsje mar foto's meitsje omdat je dat fak leard ha. Eize Wiersma is sūnt 1992 in selsstannige fotograaf. Hy woe it oars dwaan as oaren. Gjin stive foto's mar los en spontaan op de foto is syn motto.



Fansels seagen wy efkes op de side fan ús advertearder yn de Treffer. Op [www.eizewiersma.nl](http://www.eizewiersma.nl) wurdt ynformaasje jûn wat foar soarten fotografy hy docht. Fansels binne dat de trou reportaazjes, dy't troch in fakfotograaf ta in prachtich byldferslach makke wurde. Op de side kinne je ferskate moaie troufoto's sjen makke troch Eize Wiersma. Fieders is it fansels mooglik gewoan moaie portretten te meitsjen foar eigen gebrûk of foar pake en beppes.

Bern op de foto sette is ek in keunst op him sels. It binne krekt de gewoane, spontane dingen dy't bern dogge dy't de moaiste plaatsjes opleverje kinne. In fakfotograaf hat dêr fansels wol each foar. Ek foar pasfoto's kinne je telâne by Eize Wiersma. Der is sels in bysûndere service: fine je de foto net moai dan wurdt gelyk in nije makke, sadat je wol te freden binne mei de foto dy't op in protte wichtige dokuminten komme kin. By Eize Wiersma kinne je ek listen foar foto's krije. Hy hâldt him fierders

hielendal dwaande mei foto's meitsje en hat dêrom ek net in winkel mei fotoapparatuuer. Syn studio fan 150 kante meter is syn echte wurkromte. Eize Wiersma hat prachtige foto's as foarbyld op syn side stean en dy binne seker de muoite wurdich om efkes te besjen.

En fansels binne je ek wolkom by Eize Wiersma, fakfotografy yn Boalsert, aan de Dijkstraat nr 17.  
(ah)

## Hinke Kuiper nimt ôfskie

Yn it jubileumboek fan SDS stiet op side 104 en 105 in stik dat giet oer de Treffer. Ek in foto fan Hinke Kuiper mei dêrûnder de tekst: Elke kear sa'n 440 treffers, redaksjelid



Hinke Kuiper blywt er fleurich ûnder: "Ik hoech it gelokkich net allinne te dwaan".

Hinke hat sûnt 1986 yn de Treffer redaksje sitten. Yn dy earste tiid wie it meitsjen fan in Treffer mear hânwurk as hollewurk want de Treffer kaam net sa faak út as no, wie gâns tinner, mar frege hiel wat knip, plak, stinsel, sortear, en nytwurk as no.

Yn 2003 hat Hinke Kuiper al ris oan it wurd west oer har perioade as redaksjelid. Doe hie se al oanjûn dat se der dochs wol ris in kear mei stopje woe. Mear as in jier hat it proses duorre, foardat Hinke echt sei: no is it dien.

Hinke hat mei oan de basis lein fan de Treffer sa't dy der no leit. Sy wie de gene dy't doe sei: it moat oars, want sa is der gjin takomst foar it bledsje. Se wie doe it ienige redaksjelid.

Mei de nije ploech hat Hinke noch 6 jier meiwerke oan de Treffer.

Hinke wie net in vrou dy't de measte aardichheid hie aan it skriuwen fan stikken. Wy "stjoerden" har meast nei sponsors mei hûnen en dan kaam it altiten wol klear. Hinke wie mear de vrou fan de agenda, fan it ferslach, fan it

foarsitten fan de gearkomst en fan de rubryk "de âlde doaze". En fan al dy dingen dy't mannen ferjitten en dy't by Hinke yn fertroude hadden wiene. Hinke tocht mei oer de foarm, hie ideeën en liet in kritysk lûd heare at it har net oan stie.

Wat ek wichtich wie dat Hinke mei in protte nocte de redaksjegearkomsten besocht. Ek al beginne dy hast tsjin middernacht en wurdt er betiden mear wille makke as fergadere.

De redaksjeleden fan no wolle Hinke ferskuorrend tank sizze foar wat sy allegear dien hat foar de Treffer. It hat in moaie tiid west en wy hope dat wy foar in putsje noch ris in berop op har dwaan meie, want sponsors mei hûnen dy sille der altiten blywe. Hinke, nochris tige tank foar dyn bydrages en dyn wark oan mear as 100 Treffers.

Willem, Durk, Sjoerd, Metsje en Aant



## **Meinte Sixmatoernooi groot succes**

Zaterdag 16 oktober werd het Meinte Sixma toernooi gespeeld. Dit toernooi, waar ongeveer 90 pupillen aan meededen, is voor F, E en D-pupillen.

Net als vorig jaar werd er 4 tegen 4 gespeeld op een klein speelveld met kleine doeltjes zonder keeper. Reden om 4 tegen 4 te spelen is: iedereen komt in een kleine ruimte veel aan de bal en anders heb je te weinig spelers om een toernooi te organiseren. De 21 teams waren als volgt verdeeld, 5 teams bij de D pupillen en bij de E en F elk 8 teams.

Bij de D pupillen waar alle teams 1 keer tegen elkaar speelden werd Feyenoord door een 1-0 overwinning op PSV de winnaar.

De finale bij de E pupillen werd gespeeld tussen PSV en Groningen, beide teams wisten niet te scoren in de officiële speeltijd. Ook in de verlenging werd niet gescoord, waarna Groningen de strafschoppen serie won.

Duitsland won bij de F pupillen na verlenging met 1-0 van Argentinië

Na afloop van het toernooi kreeg elke deelnemer een prachtige medaille met een frieslint. (op speciaal verzoek van de familie Sixma).

Familie Sixma ontzettend bedankt voor de sponsoring.

### **Uitslag D pupillen:**

#### **1 Feyenoord**

Jan de Boer  
Bart Vink  
Martin Leyenaar  
Ayanle Reitsma

#### **2 PSV**

Marcus Brinksma  
Marcel Veenstra  
Tjeard Verbeek  
Dirk Stegenga

### **Uitslag E pupillen:**

#### **1 Groningen**

Sjoerd de Vries  
Michel Punter  
Gerrit Tessemaker  
Harm Kappe  
Joost Verheus

#### **2 PSV**

Jos Houtsma  
Bert Couperus  
Bram de Vries  
Jesse v Weide  
Jelle Jan Visser

### **Uitslag F pupillen**

#### **1 Duitsland**

Teun Heeres  
Pieter Sytsma  
Marco Weijer  
Maarten vd Weide

#### **2 Argentinië**

Jacob Smink  
Pieter de Vries  
Maikel Venema  
Casper Oukes

## **SDS 3 hoera hoera!**

Beste minsken, it is alwer in hiel skoft lyn dat jimme wat fan SDS3 heart ha. Fansels wurd der praten oer de goede resultaten, mar in ferslachje liet noch efen op him wachtsje.

De leste Treffer fan ôfrûne seisoen wie ek sùnder dizze rubryk en dat hie mei ferskate redens te meitsjen. Feit is al dat wy it doe krekt net reden ha om op it 1<sup>e</sup> plak te einigjen en ik kin jimme fertelle dat dat flink bale wie.

Mar goed, ‘nieuwe ronde, nieuwe kansen’!

Nei in oantal jierren hat Lieuwe Meijer de flagge oerjûn aan Friso Albada en Wouter Hylkema. Ek fanôf dit plak wol ik nochris sizze; Lieuwe tige tank foar dyn ynset en belibbing foar en mei SDS3!!!

Under Friso en Wouter ha wy oant no ta 5 kompetysje wedstriden spile en dizze allegearre wun. Dat is net ferkeard hear ik jimme tinken en dat is it ek net.

Sunt foar de winterstop fan foarrich seisoen hat dit SDS3 net mear in wedstriid ferlern. It giet de goede kant op. De wedstriidferslaggen wurde dit seisoen skreaun troch ús allegearre. Dit gebrûk dat by de pupillen syn woartels hat, kin sjoen wurde as wer in stap ûnderweis nei ‘it perfekte team’ yn it kader fan de teambuilding sil’k mar sizze.  
It earste ferslach is fan Willem!

**\* ONS 3 - SDS 3 0-5 (4 september 2004)**  
SDS 3 hat sneon syn 1e wedstriid fan 'e kompetysje vrij maklik wûn. It waard nei in rëststân fan 0-0 úteinlik 5-0.

SDS 3 begie sneon mei in miks fan (âld-)1e-alvetalspilers(Remco, Anne, Jeroen en Ronny, Robert H. en Willem) en jong

talint (Gerlof, Sjoerd, Jentsje, Jan en Jacob-Sjirk). Op de bank sieten dan ek noch Wouter (âld-SDS1), Anco(âld-SDS1), Douwe Kool (jong talint) en Lieuwe Meijer (âld-Arum1). Friso wie de coach en dat allinne al moast genôch wêze om yn Snits ONS te ferslaan. Yn de earste helte slagge SDS deryn om inkeld kânsen te krijen, mar der net yn te sjitten (Gerlof en Anne).

Yn 'e 2e helte waard ONS wurch en rekke de SDS-trein op stoom. De goals foelen as ripe appels en ONS holp hjirby graach. Anne skoorde knap (1-0), Douwe skeat in foarset fan Anco knap yn(2-0), Remco skeat út, Douwe stoerde en de spiler fan ONS sjitte de bal knap binnen(3-0), Anne sette knap foar en de bal waard netsjes ynkopt troch in Snitser(4-0) en Ronny sjitte de bal netsjes lâns de keeper nei tariedend wurk fan Gerlof, Willem en Anne(5-0). Hooplîk kin SDS 3 dit nivo fêsthâlde en dogge sy ek dit seisoen wer oan't it ein mei om de prizen.

Nei sa'n wedstriid mei sok moai waar hawwe je wol sin yn in bierke. Yn 'e kantine fan ONS kin je hjirfoar wol te plak. Moaie glêzen (Amsterdammers) en sels fleskes(plastic Dommelsch Ice) tsjin net al te gekke prizen(Amsterdammer 1,30 euro). Jammer dat de tapkes in bytsje oan 'e lauwe kant wienen. It sifer: 7-.

## **Flamingo SC 2 – SDS 3**

**0 – 1**

Vorig week zaterdag was dan onze 2e wedstrijd van het seisoen. Na een week rust wederom een uitwedstrijd en deze keer tegen Flamingo SC 2 die nog puntloos onderaan staan. Met een aantal

doorgestroomde 2e elftalspelers (Frank, Arnold, Dennis, Harm-Auke) en een behoorlijk aanvallend ingestelde selectie vertrokken we richting Leeuwarden. En dat aanvallende deed zich voor de wedstrijd al blijken. Hoe dichter bij Leeuwarden hoe meer we elkaar op de weg gingen inhalen. Of moest het worden uitgelegd dat we toen eigenlijk het spoor al een beetje bijster waren...

Hoe dan ook, met 15 fitte spelers zijn we aan de wedstrijd begonnen. De eerste helft nog met een mix van ervaring en talent en vier sterke wissels aan de zijlijn. En tja, de tegenstander. Wat moeten we daar over zeggen. Ze verstaan nog steeds geen fries, ik denk soms elkaar ook niet en als ploeg was het toch wel wat minder dan vorig jaar.

We begonnen wat voorzichtig aan de wedstrijd en moesten duidelijk elkaar een beetje leren te vinden. Maar gaandeweg de wedstrijd lukte dat steeds beter en wisten we de tegenstander onder druk te zetten wat resulteerde in enkele kансjes. Achterin kwamen we nauwelijks in de problemen op één kopbal tegen de paal na dan. Nadat de nasmaak van de tonijn bij Jos was weggespoeld kwam ook hij steeds beter in de wedstrijd en vond hij steeds beter de weg naar het doel. Het was de aanzet tot pressie en uiteindelijk wist Anco het doel te treffen door een strakke corner van Jos in het doel te knikken. Daarmee was ook de ruststand bepaald.

Na de thee wat omzettingen. Robert, Harm Auke en Johannes voor Wouter, Gerlof en Anco en later Jacob Sjirk nog voor Arnold. Met vier frisse spelers moest het karwei na de rust dan ook worden afgemaakt maar helaas, de afspraken die we in de rust hadden gemaakt waren in het spel niet terug te vinden en zo zakte de wedstrijd steeds

verder weg. Het creëren van kansen was zeker niet het probleem alleen ontbrak steeds de breedtepass of zuivere voorzet en wisten we elkaar niet meer te vinden. Aan het harde werken lag het niet maar rust aan de bal op de beslissende momenten. Hadden we hier slimmer ingeweest dan was de wedstrijd kort na rust al gespeeld en hadden we ons doelsaldo flink op kunnen halen. Nu was er de constante dreiging van een tegentreffer maar gelukkig was Jappie heer en meester in de lucht, ehh in het doel, nou ja beide eigenlijk (bedankt Lykele!). Positief aan deze wedstrijd is dat we de winst pakken ondanks een mindere wedstrijd van onze kant. Word je daar geen....nef nog niet.

Anco

### Zaterdag 25 september 2004 SDS 3 – Rood Geel 3 – (3-0) 3-0

Na twee mooie uitwedstrijden (natuurlijk gewonnen) en een weekend vrij, mochten we aantreden in onze eerste thuiswedstrijd. Op papier een lastige tegenstander want het altijd lastige Rood Geel kwam op bezoek. Na een goede warming up begonnen we de wedstrijd scherp en met goed verzorgd voetbal. Dit deed dan ook wel snel blijken want via een goede passe op Anco kon hij de bal lekker over de keeper heen stichten 1-0. De 2-0 kwam er vlak achteraan door goed positiespel op het middenveld kwam de bal op rechts en via een strakke voorzet tikte Gerlof de bal binnen. Dit was natuurlijk een heel goed begin, we waren dan ook heer en meester. Nog geen 10 minuten later kon Harm Auke de 3-0 maken dit gebeurde dan ook via een penalty. In de rust een lekker bakje thee. In de tweede helft begon Rood Geel iets

feller, hier hadden wij toch wat problemen mee. Maar we bleven rustig en voetbalden de wedstrijd professioneel uit. Ondanks de veel gemiste kansen van SDS in de tweede helft was de overwinning toch dik verdien.

Groeten,

RH

### L. Sweltsjes - SDS 3      02 – 10 – 04

Sweltsjes út, der ha wy fanut it foarrige seizoen goeie en minder goeie betinkingen oer. We wûnen doe mei grutte sifers, mar der wiene ek wat lytse rariteiten fan spilers underling. Hjoed wiene wer mei in grutte seleksje op paad. Wouter hie de beskikking oer 15 man, werfan Anne, Dennis, Gerrit en Pieter fanut it twadde de eare kriegen om mei ús mei te gean. Dit leste(eltse wike oare spilers mei) is daliks ek ien fan de oarsaken dat SDS 3 oant no ta al de punten pakt, mar dat dat lang net altiid yn kombinaasje is mei goed fuotbal, sa as we dat it ôfrûne seizoen noch al koene. Efterôf bin ik bliid dat we op it meast fiere fjild fanôf de yngong fan de sportfjilden hoechden te baljen, want de earste helte wie in drama. It like wol as hie eltsenien rûzje mei de bal, der troch mei him sels, wat dan wer as gefolch hie dat der fan 'samenspel' neat kaam. Foar rest kamen we op 0-1 troch in knappe goal fan Jentsje, wêrnei't it krekt foar de the noch 1-1 waard.

Tiidens de the hat Wouter en ha we mekoar efen rjocht yn de eagen sjoen en sa kaam der nei rest in fûl SDS yn it fjild. Dit hie ta resultaat dat de wedstriid yn 5 minuten beslist waard troch goals fan Gerlof, Dennis en Gerrit. Letter makke Hampie der fan of de 11 meter stip noch 1-5 fan. 3 punten yn de buse en dat hat de

jonge garde dan ek efen flink fier yn de drek fan Boazum!

Sjoerd.

### 9 okt. 2004 12:30 SDS 3 – Blauw-Wit

Met een zeer complete selectie werd aangetreden tegen Rood Geel 2.

We stonden nog maar net in het veld of de huurling van het tweede elftal Frank Rypma had

met een droge knal in de hoek van de goal SDS al op voorsprong gezet. Na deze zeer goede start werd er met redelijk goed voetbal veel kansen gecreëerd. Dit leidde na ongeveer een kwartier spelen al tot de 2-0, Jan Stenekes met het hoofd. Ook maakte Anko nog de 3-0 en HarmAuke de 4-0.

Jappie wou graag nog even op zijn oude vertrouwde stekje voor in de punt van de aanval spelen, daarom werd Sjoerd van Beem de nieuwe keeper en Jappie kwam voor de laatste tien minuten voor het einde van de wedstrijd in de spits te staan.

Het duurde maar even of het was 5-0, doelpuntenmaker Jappie, hij was het scoren nog niet verleerd. Dit was ook de eindstand 5-0, weer drie punten voor SDS 3.

Ronny

## It geheim fan SDS 4

Winne, ferlieze of gelykspyljen it heart allegear by fuotbaljen. Dat is ek it leuke oan dy sport. It liket derop dat dy lêste 2 dingen oan SDS 4 foarby gean. Sy ferlearen sùnt ferline jier yn oktober foar de lêste kear yn de kompetysje en lykje hjir troch in gefaar te wurden foar SDS 3. Hoewol sneon tsjin Cab wie der wol ferlies, mar doe wie dit stikje al makke. Wat is it geheim fan lieder Ids Boersma dat hy syn "jonkjes" ta sokke grutte dieden liede kin.

As spiler fan SDS 4 wol ik jim dan ek graach yn in eksklusyf ferhaal útlizze wat it resept is.

It sil yn july 2004 west ha, doe't lieder Ids it seizoen 2003/2004 noch ris trochrûn. Hy seach werom op in goed jier mei in prachtich kampioenskip. Yn syn tinzen helle hy al dy spilers yn byld en seach stramme spieren, dikke bûkjes en fetrânen. Mar hy seach ek gretige spilers dy't winne woene. Op dy moaie simmerjûn nam Ids him foar foar elke spiler in POP te meitsjen. In POP is in Persoanlike Ofslank Programma. Hy sneupte yn de bibleek boeken nei, surfde ynternet troch en hie op lêst safolle dokumintaasje yn de hûs dat syn vrou Klaasje ferbaasd frege wat hy oan it dwaan wie. Ids fertelde dat hy in POP meitsje woe foar elke spiler en net ta de goeie kar komme koe. Om se allegear nei fitness te stjoeren wie neffens him net de oplossing. It moast persoanliker.

Klaasje seach him oan en sei dat se wierskynlik de oplossing foar handen hie. Se rûn nei de âld papierbak en kaam werom mei de folder fan Home shopper. "Hjir, foar elke fetrâne en foar elke spier in apparaat"

Sa ferdjippe Ids him yn de gids en makke foar elkenien in POP. De kommende

moannen sil ik jim ûnthulle wat er yn de POP stiet fan al dy feteranen.

Om te beginnen moasten alle spilers massearjende akupressuurslippers oanskaffe. Want mei sokke slippers "verwen je je voeten met het gezondste schoisel te wereld en bovendien geven ze je lichaam weer nieuwe herstellende energie".

Yn de folder stiet: "De slippers hebben hun eigen ingebouwde microprocessor die onafhankelijk van elkaar een in het voetbed ingewerkt circuit aansturen, gebaseerd op de recentste technologie van electrostimulatie."

En at dat net genôch is: "Het orthopedisch voetbed heeft een noppenprofiel met honderden zorgvuldig geplaatste noppen, die de vitale acupressuur reflexpunten voortdurend stimuleren.". No wy wiene optein mei sokke foarútsichten.

Ik kin jim sizze út namme fan hast de hiele seleksje, dat it geweldich is sokke masserende acupressuurslippers te dragen. Der wiene mar trije spilers wêr't it net goed bywurke. By Sipke, Ype T (Babbel) en Jelle de Boer wie gjin resultaat te sjen. Derom moast foar harren in oplossing socht wurde. Sy kriegen ek noch Bio-Magnetische soalen. Neffens de folder: "er zijn extra magneten ingebouwd die gericht zijn een heilzaam magnetische veld te creeeren dat de zenuwuiteinden in uw voeten stimuleert". Omdat Knabbel (Eddy de Boer) bang wie dat Babbel hjirtroch mear skoorde, hat hy se der ek yn.

It die al gau bliken dat de resultaten ferbazend wiene. De spilers rûnen als edelherten en net allinne nei de kantine ta mar ek yn it fjild.

Yn de rin fan foarige seisoen waard er al in fersyk nei de fuotbalbûn dien at sy hir ek op fuotbalje mochten.



De bûn woe hir net op yngien omdat it wittenskiplik noch net bewezen wie dat it kaam troch dizze slippers en soalen. En fansels hiene se dêr ek wol wat gelyk oan, want de oanskaf fan dy slippers (foar elkenien in eigen model) wie it net allinne. Der kamen noch folle mear persoanlike apparaten oan te pas dy't er

foar soargen dat de SDS 4 spilers der goed by stiene.

De folgende moanne mear oer de POP 's fan in oantal feteranen.

Om in yndruk te jaan fan de modellen, ûndersteand in oantal oansprekkende modellen.

(aant)




aant



Klaas



Knabbel en Babbel



Ype B.

# Evert op de tekst oer SDS 5

## Waterpoort Boys 3 – SDS 5

Nei in wike yn it spier en betiid út é koai foar de baas, moatte jo tsjintwurdich ek al yn jo frije tiid betiid fuort. Healwei tsienen moasten we al sammelje by de Skoalleseize. Hjoed moasten wy ús keunsten fertoane yn Snits tsjin de ambachtsminsk fan 'e Waterpoort Boys. We hienen yn it foar in skout stjoerd om de áldizer mannen te observearjen. Hy hie de wedstriid WPB-NOK besjoen en konstateare dat de bal earst mar ris rolje moast. It wienen gjin minsk fan é tiid. Twa wienen noch oan it autopoetsen, in tredde spande noch yn it winkelintrum om, mar ús skout hie nei wat opûnthaldochs in reedlik byld kriegen fan 'e ferdigening.

Hja hiene Aldi kofje en dat er oer de priis fan dizze kofje altiten te praten falt, wylst op 'e Skoalleseize priis priis is.

Fuotbaljend binne it taaie rakkers, hja binne allegear lytse selsstandigers en sette oeral it gebit yn. Nei wat opûnthaldochs, omdat er wat tassen yn'e kroech stiene en de skeids it net iens wurde koe oer de priis fan é kofje, koenen wy los.

Nei ien minút lei de bal al yn it net fan WPB. Doelpuntenmakker Willem Feenstra. It wie Willem syn earste wedstriid ea en hy hie aan alles tocht: auto, swart broekje, swart wite sokke, jild foar de tredde helte, mar net oan bûtenspul.

Trije minuten letter skeat Willem mei twa man efter de bal wer rjochting goal en skoarde sa syn earste goal út syn loopbaan.

Us skout hie nei in termosfleske Aldi prut en trije kear nei it hûske ek noch konstateare dat je de WPB's fuort en daliks op é broek sitte moatte want at se ien puntsje rûke wurd it ien skopperij en

dat kinne ús bazen net brûke yn de kommende wike. Sa stie it by rêt 1-3. Jehannes Dotinga en Gerard Posthumus tekenden foar dizze skoare. It tsjindoelpunt kaam omdat in Snitser de bal ferkeard rekke. Nei wat thee súnder punten moasten we it karweike klare en koenen we thús noch efkes it hinnehok of de auto himmelje. We wienen ommers doch om twa oere al thús. Nei 15 minuten yn 'e twadde helte skoarde Gerard op 'e nij, sa hâldt Gerard it faandel heech fan ús fiifde op é topskoorderslist. Hy komt op it twadde plak mei 5 goals. Bas de Haan makke it ôf en sa wie de einstân 2-5.

## SDS 5- Overzwaluwen 3

Dizze middei moasten wy ús doarp in moaie sportmiddei biede. It hiele doarp wie nammentlik útrûn foar ús earste alvetal dat it opnimme moast tsjin Nijlân. Wy wolle oan de hân fan dit stikje de minsk dy't sa'n derby wichtiger fine efkes kenber meitsje wat hja mist hawwe. Je hiene de auto of fyts stiif tsjin it fjild sette kinnen, by de yngong hoechden jo net ta de beurs, as foarprogramma hiene wy de Tokkies.

Hja wienen geweldich! Meinamme de mem, hja hiene de lieding by in potsje trije tsjin trije. Heit Tokkie waard matchwinner nei in solo fan wol 25 meter baltsje heechhâlde en mei de hakke skoare.

Neidat de Tokkies harren \_ 1700 bard hienen koenen wy los tsjin de Oeversweltsjes, ús kompetysjetopper. Dizze ploech hie in minne start hân mar harren lêste trije wedstriden hiene se wûndus we wiene warskôge.

Nei in denderjend begin fan ús waarden wy opskrikt troch de komst fan iene Emile Ratelband. Hja hiene yn'e gaten

krigen dat de Takkies nochal wat by beunden en woe sadwaande neat mear foar de famylje dwaan. No, dy mem Tokkie, die it raar, mar dat hiene je meimeitsje moatten.

Omdat we as organisatoaryske feriening efkes fan slach wiene fan al dy konsternaasje skoarden de Koudumers en wy gongen rusten mei in 0-1 efterstân.. Nei in prachtich minykonsert fan Frans Bauer en Griet Wiersma moasten wy der wer foar. Der wie noch wat opûnthalde om dat in jeugdige Koudumer in baltsje trochslokt hie yn de ballenbak. Yn'e twadde helte hiene wy it bettere fan it spul mar nei in wurden wikseling tusken de standhâlders fan é súkerspinnen en dy

fan de botsauto's moasten wy it spul wer stillizze.

De rûzje hie te krijen mei in eardere wedstriid fan ús. Doe wie der ek net folle publyk en de mannen skeaten der finansjeel by yn. Neidat wy ús doarpsomropper troch it doarp stjoerd hiene, kamen der aardich minsken en koenen we wer balje. Koudum, dy't allinne mei it fuotbal bezich wie, koe fierder gean mei skoaren, it wie al snel 0-3. Us topskoarder Gerard Posthumus skoarde noch tsjin, sa waard de einstân 1-3. Nei in analyze fan Canal+ mei as gasten L.van Gaal, D. Advocaat en J. Cruyff kaam er ein oan in moaie middei.

## Bas op de tekst oer SDS 5

### Bolswardia 4- SDS 5 1-3

Bolswardia út altyd lêstich. Bolswardia begûn sterk mei bettere kânsen. SDS wie noch net echt wekker of hie de kop by it fjild neist ús. Dêr wie frouljusfuotbal en mei al dy vrijgesellen witte je it dan wol. Nei in pear fabeleftige rëdingen fan "2 meter de lucht in" Pieter Groenveld bruts Bas de Haan troch yn de 28ste minút en sjit de 0-1 prachtich binnen, in net terjochte rêtstân mar dat is ek wol ris oars. Yn'e rêt die blikken dat de froulju neist ús oan it douchen wiene. Pieter L. probearre noch in glimp op te fangen fan wat froulike rondingen, mar seach neat, wat wol faker sa is.

De 2de helte beginne wy altiid slop en no ek wer. Nei 10 minuten stie it 1-1, neffens hiel SDS en grins Rinse wie it meters bûtenspul mar de skeids mei syn skearde fuotten keurde him goed. Folgens ús mocht hy straks mei Bolswardia ûnder

de brûs en krige der dan in "GOLDEN SHOWER". SDS wie wekker skodde en strûpte de mouwen op want by winst koenen we twadde yn é stân komme. Tattoo Poeze spile in wereldpot op Tjalling H. syn plak, mar dat kaam wierskynlik troch de kleur fan syn tsjinstanner. Ek by Pieter L. siet it bloed oer it hiele sjurt. We waarden steeds sterker, de iene nei de oare goeie oanfal mei goeie skoringsmooglikheden Yn de 77ste min. Krige Gearard de bal en spile syn man út en skeat hurd binnen. Spannend waard it doe, want Bolswardia woe net ferlieze en harren lêste man kaam der by yn de spits. Ut in counter kriegen we in korner yn de 83 ste minút. Utblinker Jehannes Dotinga stapte der oer hinne en Gearard koe syn twadde binnen sjitte. De lêste minuten waarden saaklik útspile en SDS 5 stiet 2de. "Ongekend"

# Wedstrijdverslag B1

## SDS B1-GAVC B1

We moesten thuis tegen GAVC B1. GAVC ongeveer de middenmotor van de competitie. Daarvan horen we op papier te winnen.

De wedstrijd was begonnen. SDS nam direct het voortouw en al snel werd het 1-0 door een doelpunt van Jelmer.

En al snel volgden de volgende doelpunten ook

weer Jelmer en een doelpunt van Paul. SDS speelde een hele goede 1<sup>e</sup> helft en liet GAVC amper voetballen.

De 2<sup>e</sup> helft begon. Andrew was geblesseerd en werd gewisseld daardoor ging Tsjeerd een nieuwe tactiek invoeren. Redmer moest nog met de A's mee spelen dus werd ook gewisseld. Tsjade werd ook gewisseld voor Sybren. De nieuwe tactiek leek niet heel goed te werken want GAVC kreeg veel meer kansen. De bal belandde dan ook een keer op de lat. Maar toch was het weer SDS die scoorde door een mooi doelpunt van Paul. En even later wist Paul nogmaals te scoren 5-0 en dat was dan ook de eindstand.

Nog even op een rijtje

Paul : 3 goals

Jelmer : 2 goals

Dit was een wedstrijdverslag van Andrew



## CVVO B1- SDS B1

Op woensdagavond 6 oktober was de inhaalwedstrijd tegen CVVO uit Lemmer. Het was een lichtwedstrijd waar niet iedereen even blij mee was. CVVO stond niet erg hoog op de ranglijst maar we waren wel op onze hoede gezien ervaringen bij de wedstrijden door de week in het vorige seizoen.

We starten met een heel snel doelpunt van Paul, in de eerste aanval. CVVO kwam alleen al snel weer op gelijke hoogte. Voor rust werd het door een doelpunt van Jelmer en Feiko nog 3-1.

Na rust kwam onweer opzetten en besloot de scheidsrechter de wedstrijd te staken. Vervelende supporters van CVVO vonden het grappig om de bidon van Korné vanuit het doel weg te pikken. De leiding van CVVO kon dit tijdens de onweersbui even lekker uitzoeken. Na een kwartier was de onweersbui over en een nieuwe bidon voor Korné geregeld. En werd er weer aan de wedstrijd begonnen. In dit deel van de wedstrijd werd een doelpunt gemaakt door Tsjade en Ralph. Ook CVVO scoorde nog 1 keer. Hiermee kwam de eindstand op 5-2.

Weer drie punten voor SDS B1, we blijven mee doen voor het kampioenschap.

Dit was een wedstrijdverslag van Korné

# Wedstriidferslagen SDS C1


## 25-9-04 SDS C1 – Workum C1

In goed gesprek nei de wedstriid yn Snits en in goed gesprek foar dizze wedstriid. Hat dat wat oplevere? Ja, de mannen spilen better as foarige wike. Se ferlearen hjoed mei 0-6 fan Workum. Dit kear fysyk en fuotbaljend better dan ús. Ek better dan ús wienen se, en der hoege net sa wiis mei te wézen, yn it (brutaal) praten. We hienen de opstelling wat feroare. De as bestie no út Jelte P., Freek (Wouter), Ewout en Doede. It spul wie folle better en de ynset ek. Dochs mist der noch it lèste lyts bytsje skerpte en ek wol gelok. Meinamme yn it passen en it selsfertrouwen mankearet noch wat. Mar we binnen op de goede wei. It is 0-3 by rëst. Ús keeper, Remco, kin net fjirder om syn knibbel. Johan op de goal en Wouter op foarstopper en Freek op de lofts efter. We kriegen noch 3 goals tsjin. Kondisjoneel en de basissnelheid mist by ús noch tafolle. Al mei al kinne we fansels net tefreden wéze mei de útslach, mar wol mei it spul en de ynset. Jonges, we sette troch mei syn allen. Wij, Tamme en Klaas en ek Tjipke, leauwe yn jimme. No jimme sels ek noch!

## 02-10-04 Makkum C1 – SDS C1

Makkum stie 4e mei 7 punten. Neffens de stân en de oare útslaggen moasten wy kâns ha. Dat die al blikken yn de earste helte. Mar earst noch efkes dit. Wa wie de fuotbalskuon fergetten en wa moast fan hûs komme nei Makkum ta? Fansels moast Mattie wer ride en dit kear wie it Jelte Pieter die wat ferjitten wie. Dat de earste helte op wiksels. De útslach fan 1-1 wie wol terjochte, ek neffens de goed fluitsjende en pratende skeids út Harns. Der wienen mooglykheden foar 3 punten. De earste helte begûnen we hiel goed.

Moaie aanfallen oer de flanken en kânsen foar de goal út goede foarsetten fan Jarco en meinammen Andries. Doede stie skerp mei Ewout der efter op it middenfjild mei Jacob en Wytse. We hâlden Makkum ûnder druk mar gienen nei 20 minuten mei yn harren, wat stadiger, wize fan spyljen en bewegen. No krike Makkum wat mear romte en kaam faker by ús goal. Remco hâld de goal goed vrij fan treffers en ek de ferdigening fan Wouter, Jort, Ludze en Johan stie goed te plak. Ludze waard wiksele foar Jelte Pieter. Op gympies kinne jo no ienris net fuotbalje. Ein fan de earste helte waard Wytse, blessuer wiksele foar Freek. Yn de rëst gau de tee opdrinke, want we moasten de bekerkes brûke om sjen te littin wat better moast.



Efkes wat skerper spylje en mear 3-hoekjes meitsje en ek yn dy posysjes rinne. De mannen pakten dat hiel goed op! De twadde helte wie folle better. Dochs kaam de 1-0 foar Makkum troch wat onoplettendheid yn de ferdigening. Mar binnen in pear minuten wie it 1-1 troch Jarco dy in foarset op maat fan Johan yn de touwen skeat. Fertsjinne goal! Dernei noch mear kânsen foar beide ploegen. Mar it bleaun 1-1. Yn fergeliking mei foarige wike in geweldich moaie wedstriid. Sawol yn it fjild as der bûten. Kompliminten oan beide ploegen en begelieding foar harren sportiviteit en moaie pot fuotbal! We binne echt op de goede wei mannen!

## **09-10-04 SDS C1 – Akkrum C1**

Fan herte lokwinske jonges! Mei de punten fansels, mar meinamme mei jimme spul, ynset en teamgeast. Hjoed tsjin Akkrum moasten we 3 punten ha, oars reitsje we te fier efter. De jonges wienen hjir fan oertsjûge en lieten dat ek fuort sjen yn de earste helte. De grinsrjochter hat hast 10 minuten by de middelline stien, want hja kamen der net út, sa hâlden wy Akkrum ûnder druk. It doarre ek net lang foar de earste goal makke waard. Út de midden skeat Wytse de goal binnen fia de hakke fan Doede. De kombinaasjes slaggen alle gear en efter siet it goed ticht. Akkrum hie ús aardich underskat. Op ien fan de moaie foarsetten fan Andries glied Jacob de bal by de twadde peal nei binnen. Dernei makke Jarco ek in goal út in drokke situaasje, mar dizze goa waard ôfkard. Rêst, 2-0. Dit kear gjin bekerkes op de flier mar wol kompliminten oer it spul en de wize wêrop it op it fjild útfiert wurd. De twadde helte moast Akkrum komme en dat dienen se ek. Ludze op de back foar Freek, Jacob nei rjochtsfoar en Jarco wiksele. It waard in pear kear gefaarlik mar Jort, Wouter, Johan en Remco wurken goed tegearre en we hâlden de nul. De 3-0 doarre wol hiel lang, mar dochs foel de goal fanôf de rjochterkant. De keeper kaam te fier foar de goal en de ôffallende bal wie foar Freek die de bal restich yn de goal lei. Dat wie de lêste 'tik' foar Akkrum. De kamen noch wolris oer ús helte mar dat wie mear omdat wy tafolle romte lieten op it middenfjild. De 4-0 fan Doede wie in wrâldgoal. Op in foarset (soarte fan grutte lob) foel de bal efter de ferdigening wer Doede kaam en hij kopte fan siden oer de keeper yn de goal. Doe wie it echt dien mei Akkrum en koenen we eltse kear moaie oanfallen opsette troch efter de ferdigening te

kommen mei baltsjes tuskentroch. Op de pass fan Ewout koe Andries nei de goal. Hy spile de keeper út en skoarde syn fertsjinne goal. Yn it lêst waard Jort noch wiksele. As it net goed giet mei it fuotbal, de ynset ensafuorthinne dan camelje de lieders somtiden nochal wat. Mar as it dan wol goede giet sa as hjoed dan binne se der ek. Mei applaus binne wy nei de wedstriid de boks yngien. Foar spilers en lieders wie dit in wedstriid om fan te genietsjen. Tige fertsjinne, de punten en it applaus. Op nei boppe!

## **30-10-04 SDS C1 – LSC 1890 C2**

Nei 2 wike gjin fuotbal, oefenje tsjin B2 koe net troch gean, wer in thûswedstriid. Tsjinstanner is LSC 1890 C2 en we witte dat hja altiid goed fuotbaljend jeugd hat. In wedstriid wer wy net safolle aan it spul ta kamen as wy woennen. LSC sette in soad druk op it midden sadat Ewout en Wouter net goed yn harren spul kamen. It spul gie hurd op en del en beide grinsrjochters hienen nei de wedstriid it swit dan ek dik op de holle. Se wienen it iens dat it in moaie wedstriid wie mei en foaral yn de eagen fan SDS in goeie útslach, want LSC wie wat better. Dochs makken wy de 1-0. Nei in pass fan Jacob set Doede goed troch en sjit de bal lâns de keeper yn de goal. Dernei mear druk fan LSC op ús helte. We rête it aan de rête ta en kin dan taktysk wat oanpasse. Ludze komt foar de op dat momint leechspile Jort en Andries foar Wytze. Ospraten wurdt dat we by balferlies 4-4-2 spiljen gean mei Jacob neist Ewout en Jarco op rjochtsheal. Dit pakt aardich út. Yn de rin fan de twadde helte kinne wy der wol goed útkomme en stiet de ferdigening better. Beide ploegen krije kânsen en sa Jacob ek, mar hy wit de bal net fol te reitsjen en sjit neist. Tige spitich, want 2-0 hie op dat stuut it

brekpunt west. Dernei komme se hieltyd mear nei ús goal en sa Doede sei nei de wedstriid: "Twa man fan LSC kinne vrij trochgean foar ús goal", en der wurdt de 1-1 ek útmakke. Wat lilke gesichten en praat by SDS mar dochs geane de koppen wer omheech en op skerp. We rôde it oan it ein ta.. In djoer puntsje oer de hiele

wedstriid besjoen. Foar de wedstriid seinen de lieders dat we nei boppe sjen moatte. Winne hjoed set ús heger op de list. We bliuwe no gelyk mei LSC. Man fan de wedstriid, sa seinen de jonges yn de boks, wie ús keeper Remco. Dat wie ek terjochte sjoen syn somtiden heldhaftige keeperswurk!

## F4 – de jongste talinten fan SDS

Nei in foarsichtich begin hat F4 de gong ek te pakken. Sneon wûnen sy mar leafst mei 7-0 fan Arum.

Mar oan de foto te sjen hawwe Dagmar, Matthijs, Marten, Wiebe, Jorrit , Frank, Casper, Solomon, Habtamu en Bote der altyd in protte wille oan.

Tineke de Hoop is der yn 2 moanne ek efter kommen wat lieder betsut fan in F4 ploechje.

Wy winskje dizze jonge talinten in protte sukses!!!!



## Samar in wedstriid mei E4



9 jonges út Easterein, Wommels en Kûbaard foarmje mei elkoar SDS E4. Lieders binne Klaas Visser en Johan de Graaf.

Klaas traaint dit ploechje ek en hy fyt it in grut foardiel dat je se traine en liede. Want Klaas kin dan krekt sjen wêrt de jonges foaral op traine moatte om better te wurden.

Nim no Remco Hylkema. Dy hoege je net mear te learen om stevich te ferdigenjen, want dat docht hy prima goed. Suver op de selde posysje as syn heit Wouter altiten die en noch docht. Nim no Jorn Tjitze van der Schaer, it doelmantsje. Dy hoege je net te learen dat hy in ein útdrave mei om de bal wer yn it spul te bringen. Dat wit hy wol en



dat docht hy ek goed. Nim no Harm Kappe. Dy hoege je suver net mear te learen hoe't je it spul sjen moatte. Mei syn in sierlike traap yn de rjochterfoet en syn

ynsjoch is hy fan grutte wearde. Nim no Jelmer Couperus, dy hoege je net mear te learen dat fuotbaljen in fleurige beuzichheid is. Hy laket, hy stoart, hy underskept en hy laket alwer.

Nim no Gosse Vellenga: dy hat yn twa jier wol sa folle leard dat hy stil en hoeden syn plakje mear as skjin makket. Hy hat leard dat je net benaud hoege te wêzen foar dy jonges út de stêd of in oar doarp.

Nim no Marco de Graaf: him hoege je net te learen dat fuotbal foaral it brûken fan de romte is. Hy hat in protte enerzjy

dy't er op geweldige wize brûkt. Hy fjocht en skrept hiel wat ôf yn twa kear 25 minuten.

Nim no Joost Verheus: dy hoege je net te learen hoe't je in doelpunt meitsje moatte. Dat kin hy my better leare. Sa doelgerjocht at hy it.

En wat kin Klaas syn beide soannen Ruurd en Jelle Jan noch leare: beide rêtstich oan de bal en segene mei in goeie traaptechnyk

At je it rychje sa trochrinne dan sjogge je dat sa'n E4 ploechje alle kwaliteiten wol wat hat om de kompetysje goed troch te kommen

De slimheid fan Harm, de ynset fan Remco en it skoaren fan Joost binne wol de wichtichste ûnderdielen fan E4 dy't er foar soargje dat se de lêste wiken goed meidogge yn de kompetysje. Hoewol de wedstriid tsjin Jirnsum E3 net echt in goed byld joech. De tsjinstân wie te min om fan in echte wedstriid sprekke te kinnen.

Dochs bliuwt it fansels goed om 13 doelpunten te meitsjen yn 50 minuten.

Dat is alle 4 minuten 1. Dat Joost

1	Franeker SC E4	6	6	0	0	18	99	2
2	Rood Geel E5	6	5	1	0	16	37	6
3	Balk E3	6	4	1	1	13	50	9
4	GAVC E3	6	4	1	1	13	17	9
5	<b>SDS E4</b>	<b>6</b>	<b>4</b>	<b>0</b>	<b>2</b>	<b>12</b>	<b>33</b>	<b>15</b>
6	Oosterlittens E3	6	3	1	2	10	26	26
7	Blauw Wit '34 E4	6	3	0	3	9	17	19
8	L. Zwaluwen E4	6	2	0	4	6	19	22
9	Frisia E5	6	1	1	4	4	13	29
10	Leeuwarden E4	6	1	1	4	4	11	30
11	LSC 1890 E5	6	0	0	6	0	3	76
12	Jirnsum E3	6	0	0	6	0	2	84

Verheus dêr 8 fan makke is foar de lêzer opfallend. Foar dy jonges net. Sy binne dat wend fan Joost.

It stiet er goed foar mei SDS E-4. De bydrage fan de Klaas en Johan dy't net as roppende en skreauwende lieders oan de kant steane, moat ek net underskat wurde. Sy sjogge hoe't it giet sa'n sneon en op woansdei at se traine dan leare se de jonges de oare dingen. Dy't se noch net sa goed kinne. Want oerspyle dat moatte sommigen noch better dwaan, net benaud wêze, op de tosken bite, hurd skoppe en mei de oare foet skoppe.

Wat ek opfalt by dit ploechje at se thús spylje dat heiten en memmen der hast altiten allegear binne. Dat fine dy jonges fansels geweldich.

En wa't in prachtige alvetal foto sjen wol, ried ik oan efkes te sjen op de ynternet side fan SDS, want it fuotbaljen giet harren goed ôf mar it posearen suver noch better.

(ah)



## Winnen of verliezen?

Sport draait om winnen en verliezen. Elke sportman of vrouw stapt het veld in om niet te gaan verliezen. In de voorbereiding wordt er bijvoorbeeld in een poulewedstrijd wel eens gesproken over één punt is voldoende. Maar uiteindelijk wordt er gewonnen of verloren. Het gezegde 'het is maar een spel' gaat niet meer op. Inderdaad is het maar een spel, maar voor iedereen? Een ploeg wint voor het publiek, voor het team, voor de club, trainers, enz. Als een ploeg verliest is er een teleurstelling. Maar gaat eigenlijk één van die woorden 'winnen of verliezen' op voor een scheidsrechter. Wanneer wint een scheidsrechter en kan een scheidsrechter verliezen?

Bij een EK, WK, CL of Uefa-cup wedstrijd hoe verder een land of ploeg zich plaatst hoe minder de kans een scheidsrechter van datzelfde land de kans krijgt om de finale te fluiten. Is dit verliezen? Dus kun je stellen dat als een land of ploeg vroeg uitgeschakeld wordt te meer een scheidsrechter de kans heeft de finale te fluiten. Wint deze scheidsrechter dan?

Hoe staat het grote publiek hier tegenover? Hoeveel mensen bekijken de finale van een EK als de nationale ploeg niet zover gekomen is? Waarschijnlijk toch veel meer. Maar kijken er dan relatief meer mensen als het land is uitgeschakeld maar de finale gefloten wordt door een scheidsrechter van dat land. Over het algemeen zullen

supporters wel naar de finale kijken maar minder oog hebben voor de man in het zwart. Het gevoel van winnen of verliezen gaat niet op voor de scheidsrechter in dezelfde vorm als voetballers. Voor een scheidsrechter zou het woord verliezen niet mogen bestaan. Met overtuiging, goed gevoel, de wedstrijd leiden is al half gewonnen. Je conditie in order (moeten voetballers ook), je instelling positief (moeten spelers en trainers ook) je goed voorbereid hebben (moet een ploeg ook) dan is verliezen al ver aan de kant gezet. Je kunt dan alleen nog maar winnen. Een scheidsrechter hoeft geen goal te scoren, geen geweldige 'redding' te maken, hoeft ook niet de achterhoede te misleiden of de aanvaller op het laatste moment de bal te ontfselen en een goal te voorkomen. Nee een scheidsrechter hoeft er alleen maar voor te zorgen dat spelers deze acties op een 'voetballende' manier fatsoenlijk uitvoeren. Waarvoor het publiek komt. Er wordt voor de scheidsrechter bijna nooit geapplaudisseerd maar hij heeft er wel aan gewerkt. Als de voordeelregel op een juiste wijze wordt uitgevoerd waar eigenlijk een vrije schop gegeven had moeten worden en daaruit een doelpunt komt is dat niet winnen? Zou de scheidsrechter na die overtreding de voordeelregel niet hanteren maar fluiten is dat niet verliezen voor de scheidsrechter. De speler kan hierop reageren maar kan nooit zeggen dat hij een doelpunt kon scoren dat weet hij nooit. Naar mijn mening kan een scheidsrechter nooit verliezen alleen maar winnen. Kijken we naar de laatste twee wedstrijden van SDS 1, de derby's

tegen Nijland en WPB waarbij scheidsrechters een grote rol hebben gespeeld in het verloop van de wedstrijd, hebben zij dan verloren. Nee, ik denk dat we dan naar de spelers moeten kijken hoe 'voetballend' zij hebben gespeeld. Meer oog voor de tegenstanders (Nijland, 6 keer geel en het had er nog meer moeten

zijn) of bijna 5 minuten praten over een strafschop die je tegen krijgt om vervolgens 2 minuten later zelf één te missen! (zie foto) Wie heeft er dan verloren of gewonnen?

Douwe Reitsma

## Standen sealfuotbal per 29 oktober 2004

### SDS 1 - 2e Klasse B

1 Heerenveen 2	7	17	23-	16
2 Golden Oldies 1	6	12	29 -	20
3 Herautens De 1	6	10*	21 -	10
4 Avanti 2	7	10	24-	22
5 Futsal Club Leeuwarden 2	6	9	36-	35
6 FFS 1	5	7	19-	20
7 ONT/CHZ 1	5	7	10-	12
8 Urk zvv 2	3	6	14-	10
9 Extadotor 1	5	6	22-	23
<b>10 SDS 1</b>	<b>5</b>	<b>6</b>	<b>14-</b>	<b>15</b>
11 Foarut 1	5	6	15-	19
12 Workum 2	5	3	10-	21

### SDS 2 - 2e Klasse AD

1 Ens 1	5	12	30-	13
2 Haskerland 1	6	12	33-	29
3 Urk zvv 3	6	12	27-	26
4 Genemuiden SC 1	4	9	21 -	15
5 WZS 1	59*	28-	23	
6 Renado 1	4	7	22-	13
7 Flevo Boys 1	5	7	19 -	24
<b>8 SDS 2</b>	<b>6</b>	<b>6</b>	<b>20-</b>	<b>32</b>
9 ZVVS 2	65*	27-	27	
10 RES 1	6	3	19-	35
11 ZVH 1	5*	14-	23	

### SDS 3 4de klasse

1 Haskerland 6	6	16	30-	14
2 Langweer 1	7	13	40-	29
3 Heerenveense Boys 2	5	12	31-	17
4 Old Forward 3	6	9	38-	24
5 Lemsterland 2	48*	21-	14	
6 FFS 2	3	6	10-	8
7 Lemsterland 3	5	6	27-	19
<b>8 SDS 3</b>	<b>5</b>	<b>6</b>	<b>20-</b>	<b>26</b>
9 Renado 6	3	3	7-	12
10 Haskerland 7	5	3	18-	41
11 Renado 5	3	0	3-	24
12 Balk 2	4	0	4-	21

# Standen fjildfuotbal

## SDS 1 - 2e Klasse K

1 SDS 1	7	16	18 -	4	1 Urk 3	7	15	17 -	10
2 Fean'58 1	7	15	16 -	11	2 Leeuwarder Zwaluwen 2	6	12	14 -	6
3 Broekster Boys 1	7	12	11 -	7	3 HZVV 2	6	12	19 -	14
4 Nijland 1	7	12	16 -	14	4 Walde De 2	7	11	14 -	7
5 ONT 1	7	10	14 -	12	5 SDS 2	7	11	12 -	12
6 Waterpoort Boys 1	7	10	11 -	10	6 Olympia'28 2	7	10	19 -	15
7 Zeerobben 1	7	10	13 -	17	7 Heerenveense Boys 2	7	10	13 -	13
8 QVC 1	7	9	13 -	13	8 Olde Veste'54 d' 2	7	9	13 -	17
9 Friesc Boys 1	7	8	10 -	12	9 Noordscheschut 2	6	8	13 -	10
10 Hardegarijp 1	7	8	8 -	12	10 Drachtster Boys 3	7	6	8 -	18
11 Blauw Wit '34 1	7	4	8 -	17	11 Genemuiden SC 3	7	6	9 -	29
12 Kootstertille SC 1	7	4	6 -	15	12 Zeerobben 2	6	3	16 -	16

## SDS 3 - 4e Klasse

1 Zeerobben 3	6	16	17 -	7	1 SDS 4	6	18	25 -	7
2 SDS 3	5	15	19 -	1	2 Blauw Wit '34 7	5	15	30 -	9
3 Mulier 2	5	10	17 -	8	3 CAB 1	6	11	33 -	14
4 ONS Sneek 3	5	10	12 -	7	4 Berlikum SC 3	6	10	25 -	15
5 Franeker SC 4	6	10	15 -	19	5 SSS'68 2	6	10	18 -	16
6 Workum 3	5	9	13 -	6	6 Stormvogels'64 1	6	8	11 -	10
7 Rood Geel 2	5	6	9 -	16	7 Lions'66 3	5	7	22 -	21
8 Bolswardia 3	6	6	15 -	18	8 Leeuwarder Zwaluwen 10	6	6	15 -	20
9 Leeuwarder Zwaluwen 7	6	4	12 -	18	9 Makkum 3	6	5	9 -	18
10 Flamingo SC 2	5	1	2 -	13	10 Wykels Hallum 3	6	4	8 -	21
11 Blauw Wit '34 5	6	0	7 -	25	11 Beetgum 2	6	3	10 -	32
					11 Zeerobben 4	6	3	9 -	32

## SDS 5 - 6e Klasse

1 NOK 4	6	16	31 -	6	1 Franeker SC A1	7	21	43 -	9
2 Balk 4	6	16	28 -	8	2 Leeuwarder Zwaluwen A1	7	16	24 -	10
3 Bolswardia 4	6	10	25 -	10	3 Stiens A1	7	13	26 -	10
4 RES 1	6	10	29 -	24	4 RES A1	7	12	17 -	27
5 NOK 3	6	10	18 -	15	5 JV Bolsward A1	7	11	14 -	11
6 SDS 5	6	10	16 -	17	6 CSL A1	6	10	21 -	12
7 Oeverzwaluwen 4	6	9	24 -	20	7 GAVCA 1	7	10	17 -	20
8 Franeker SC 6	6	8	18 -	24	8 SDS A1	7	6	10 -	19
9 Walde De 3	6	5	8 -	15	9 Annaparochie St. A1	7	6	11 -	25
10 Mulier 4	6	5	15 -	24	10 Makkum A1	65*		9 -	11
11 TOP'63 3	6	3	11 -	32	11 Mulier A1	7	4	10 -	32
12 Waterpoort Boys 3	6	0	8 -	36	12 Dronrijp A1	7	2	8 -	24

## SDS 2 - res. 1e Klasse

1 Urk 3	7	15	17 -	10
2 Leeuwarder Zwaluwen 2	6	12	14 -	6
3 HZVV 2	6	12	19 -	14
4 Walde De 2	7	11	14 -	7
5 SDS 2	7	11	12 -	12
6 Olympia'28 2	7	10	19 -	15
7 Heerenveense Boys 2	7	10	13 -	13
8 Olde Veste'54 d' 2	7	9	13 -	17
9 Noordscheschut 2	6	8	13 -	10
10 Drachtster Boys 3	7	6	8 -	18
11 Genemuiden SC 3	7	6	9 -	29
12 Zeerobben 2	6	3	16 -	16

## SDS 4 - 5e Klasse

1 SDS 4	6	18	25 -	7
2 Blauw Wit '34 7	5	15	30 -	9
3 CAB 1	6	11	33 -	14
4 Berlikum SC 3	6	10	25 -	15
5 SSS'68 2	6	10	18 -	16
6 Stormvogels'64 1	6	8	11 -	10
7 Lions'66 3	5	7	22 -	21
8 Leeuwarder Zwaluwen 10	6	6	15 -	20
9 Makkum 3	6	5	9 -	18
10 Wykels Hallum 3	6	4	8 -	21
11 Beetgum 2	6	3	10 -	32
11 Zeerobben 4	6	3	9 -	32

## SDS A1 - 1ste klasse

1 Franeker SC A1	7	21	43 -	9
2 Leeuwarder Zwaluwen A1	7	16	24 -	10
3 Stiens A1	7	13	26 -	10
4 RES A1	7	12	17 -	27
5 JV Bolsward A1	7	11	14 -	11
6 CSL A1	6	10	21 -	12
7 GAVCA 1	7	10	17 -	20
8 SDS A1	7	6	10 -	19
9 Annaparochie St. A1	7	6	11 -	25
10 Makkum A1	65*		9 -	11
11 Mulier A1	7	4	10 -	32
12 Dronrijp A1	7	2	8 -	24

**SDS B1 - 1e Klasse G**

1JV Bolsward B1	7	21	59 -	10
<b>2SDS B1</b>	<b>7</b>	<b>21</b>	<b>37 -</b>	<b>10</b>
3Urk B2	7	13	31 -	15
4Heerenveen B2	7	12	32 -	27
5Sneek B1	7	10	26-	25
6Balk B1	7	9	20-	30
7GAVC B1	7	9	15 -	29
8Joure SC B2	7	8	12 -	25
9WZS B1	7	6	17 -	31
10Renado/VVI B1	7	6	11 -	28
11CVVO B1	7	5	17 -	23
12Gorredijk B1	7	1	12 -	36

**SDS B2 - 2e Klasse**

1JV Bolsward B2	4	12	27 -	5
<b>2LSC 1890 B2</b>	<b>5</b>	<b>12</b>	<b>24 -</b>	<b>8</b>
3JVC Nylan 2000 B2	4	10	12 -	5
4ONSTOP63 B2	4	9	12 -	8
<b>5SDS B2</b>	<b>4</b>	<b>4</b>	<b>12 -</b>	<b>11</b>
6Franeker SC B2	5	4	11 -	18
7Nijland B2	4	3	4 -	20
8Zeerobben B2	5	3	11 -	26
9Dronrijp B2	5	1	11 -	23

**SDS C1 - 2e Klasse I**

1Oeverzwaluwen C1	6	16	29 -	2
2Workum C1	6	16	26 -	3
3WZS C1	6	12	23 -	16
4Makkum C1	6	8	13 -	13
5LSC 1890 C2	6	7	17 -	20
6Zeerobben C2	6	7	10 -	17
<b>7SDS C1</b>	<b>6</b>	<b>7</b>	<b>11 -</b>	<b>21</b>
8Harlingen C1	6	6	14 -	15
9IJVC C1	6	6	12 -	17
10Akkum C1	6	6	11 -	19
11Scharnegoutum'70 C1	6	6	7 -	17
12RES C1	6	6	14 -	27

**SDS C2 - 3e Klasse**

1Urk C4	5	15	48 -	8
<b>2ONSTOP63 C3</b>	<b>6</b>	<b>11</b>	<b>33 -</b>	<b>11</b>
3Heerenveense Boys C3	5	10	31 -	18
4Franeker SC C3	5	10	13 -	13
5Joure SC C4	6	10	24 -	20
6GAVC C2	6	9	15 -	16
<b>7Makkum C2</b>	<b>5</b>	<b>8</b>	<b>11 -</b>	<b>10</b>
8CVVO C3	5	6	11 -	27
9JV Bolsward C2	6	4	12 -	26
<b>10SDS C2</b>	<b>5</b>	<b>3</b>	<b>12 -</b>	<b>20</b>
11Workum C2	6	0	1 -	42

**SDS C3 -4de klasse**

1Be Quick D C2	6	18	70 -	2
2BCV C2	6	18	40 -	3
3Kollum C2	5	10	26 -	18
4Veenwouden SC C2	4	6	24 -	6
5Leeuwarder Zwaluwen C2	4	6	10 -	22
<b>6SDS C3</b>	<b>5</b>	<b>5</b>	<b>12 -</b>	<b>20</b>
7Zwaagwesteinde C2	6	4	13 -	20
8Rood Geel C4	3	3	9 -	45
9JVC Nylan 2000 C2	4	3	8 -	24
10Foarut C3	5	3	9 -	50
11Frisia C4	6	3	21 -	32

**SDS D1 - 2e Klasse**

1QVC D1	6	18	51 -	5	1QVC D2	6	18	34 -	10
2Workum D1	6	18	27 -	2	2JV Bolsward D2	6	15	36 -	2
3IJVC D1	6	12	28 -	17	3Tzummarum D1	6	15	36 -	19
4Arum D1	6	12	24 -	14	4Makkum D1	6	13	34 -	12
5RES D1	6	12	19-	25	5Robur D1	5	12	33 -	10
<b>6SDS D1</b>	<b>6</b>	<b>9</b>	<b>23-</b>	<b>15</b>	6Franeker SC D3	6	10	28 -	16
7CVVO D2	6	7	15-	16	7Zeerobben D3	6	9	24 -	11
8Oosterlittens D1	6	7	20-	24	8IJVC D2	5	6	3 -	24
9OudegaHJSC D1	6	6	15-	22	9Mulier D1	6	3	13 -	35
10NOK D1	6	3	15-	19	<b>10SDS D2</b>	<b>6</b>	<b>3</b>	<b>9 -</b>	<b>39</b>
11Oeverzwaluwen D2	6	3	10-	30	11Oosterlittens D2	6	0	3 -	38
12Langweer D1	6	0	2-	60	12Workum D2	6	0	0 -	37

**SDS E1 - 1e Klasse**

1Workum E1	6	18	34-	10	1Harlingen E1	6	18	65 -	11
2Urk E3	6	15	36-	2	2Makkum E1	6	15	34 -	11
3Scharnegoutum'70 E1	6	15	36-	19	3Franeker SC E2	6	15	33 -	11
4Renado E1	6	13	34-	12	4Zeerobben E3	6	12	30 -	16
5WZS E1	5	12	33-	10	5SSS'68 E1	6	12	23 -	15
6Balk E1	6	10	28-	16	6Oosterlittens E1	6	9	17 -	27
7CVVO E2	6	9	24-	11	7Mulier E1	6	7	12 -	15
8Flevo Boys E3	5	6	3-	24	8Stormvogels'64 E1	6	7	15 -	23
9JV Bolsward E1	6	3	13-	35	9QVC E1	6	6	20 -	39
<b>10SDS E1</b>	<b>6</b>	<b>3</b>	<b>9-</b>	<b>39</b>	10RES E1	6	3	13 -	30
11Joure SC E3	6	0	3-	38	11Oeverzwaluwen E1	6	3	7 -	30
12DWP E1	6	0	0-	37	<b>12SDS E2</b>	<b>6</b>	<b>0</b>	<b>9 -</b>	<b>50</b>

**SDS E3 - 2e Klasse**

1Leeuwarden E2	6	18	91 -	4	1Franeker SC E4	6	18	99 -	2
2Frisia E3	6	18	42 -	8	2Rood Geel E5	6	16	37 -	6
3Rood Geel E3	6	13	33 -	14	3Balk E3	6	13	50 -	9
4Leeuwarder Zwaluwen E2	6	12	34 -	22	4GAVC E3	6	13	17-	9
5Zeerobben E4	6	12	21 -	19	<b>5SDS E4</b>	<b>6</b>	<b>12</b>	<b>33 -</b>	<b>15</b>
6Blauw Wit '34 E3	6	9	32 -	27	6Oosterlittens E3	6	10	26 -	26
7FVC E2	6	7	21 -	26	7Blauw Wit '34 E4	6	9	17 -	19
<b>8SDS E3</b>	<b>6</b>	<b>4</b>	<b>9 -</b>	<b>35</b>	8Leeuwarder Zwaluwen E4	6	6	19 -	22
9Franeker SC E3	6	4	7 -	37	9Frisia E5	6	4	13 -	29
10Makkum E2	6	4	10 -	59	10Leeuwarden E4	6	4	11 -	30
11AVC E2	6	3	6 -	36	11LSC 1890 E5	6	0	3 -	76
12JV Bolsward E2	6	1	8 -	27	12Irnsum E3	6	0	2 -	84

**SDS F1 - 2e Klasse**

1 Heerenveen F2	6	18	48 -	10	1 Rood Geel F3	6	18	30 -	4
2 Sneek F1	6	18	38 -	5	2 Makkum F2	6	15	34 -	4
<b>3 SDS F1</b>	<b>6</b>	<b>12</b>	<b>19 -</b>	<b>10</b>	<b>3 JV Bolsward F2</b>	<b>6</b>	<b>15</b>	<b>45 -</b>	<b>17</b>
4 CVVO F2	6	10	17 -	13	4 Frisia F7	6	13	30 -	8
5 AVC F1	6	10	16 -	20	5 RES F2	6	10	26 -	9
6 JV Bolsward F1	6	8	13 -	9	6 Workum F2	7	10	21 -	20
7 Scharnegoutum'70 F1	6	7	18 -	21	7 Franeker SC F3	6	8	15 -	23
8 NOK F1	6	6	7 -	15	8 Frisia F6	7	8	17 -	20
9 Workum F1	6	6	12 -	25	<b>9 SDS F2</b>	<b>6</b>	<b>7</b>	<b>29 -</b>	<b>17</b>
10 Balk F1	6	3	8 -	22	10 Oeverzwaluwen F2	6	3	9 -	35
11 RES F1	6	3	4 -	23	11 Zeerobben F3	6	0	11 -	34
12 Makkum F1	6	3	10 -	37	12 Leeuwarden F3	6	0	1 -	77

**SDS F3 - 4e Klasse**

1 GAVC F4	6	18	43 -	1	1 Annaparochie St. F4	6	18	71 -	2
2 Blauw Wit '34 F3	6	15	43 -	8	2 RES F3	6	13	28 -	13
3 Frisia F9	6	15	39 -	7	3 Foarut F3	6	13	31 -	17
<b>4 SDS F3</b>	<b>6</b>	<b>11</b>	<b>27 -</b>	<b>6</b>	<b>4 Dronrijp F5</b>	<b>6</b>	<b>12</b>	<b>39 -</b>	<b>19</b>
5 Leeuwarder Zwaluwen F4	6	10	30 -	9	5 Dronrijp F4	6	12	26 -	12
6 Scharnegoutum'70 F2	6	10	20 -	12	6 JV Bolsward F4	6	11	21 -	16
7 Sparta'59 F2	6	10	10 -	10	7 Frisia F13	6	9	9 -	23
8 Makkum F3	6	6	9 -	27	8 AVC F3	6	6	21 -	37
9 Franeker SC F5	6	4	8 -	39	9 Zeerobben F5	6	4	11 -	28
10 Scharnegoutum'70 F3	6	3	3 -	32	<b>10 SDS F4</b>	<b>6</b>	<b>3</b>	<b>12 -</b>	<b>36</b>
11 Arum F2	6	3	9 -	49	11 Frisia F14	6	2	9 -	29
					12 Arum F3M	6	1	6 -	52

**SDS 5 as lêsten op de foto.**

It is dan dochs slagge. SDS 5 is nei lang ûnderhandelen mei de redaksje op in kykje setten.


Troch de goeie resultaten miende lieder Tanja in flinke priis freegje te kinnen om syn stjerren oan it grutte publyk te toanen. Wy binne fansels net yngien op dy easken. Neffens ús binne en bliuwe it gewoane SDS-ers ûndanks de goeie resultaten.

Wolle jim dizze kreaze jonge hearen wat better besjen, surf dan nei [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)



# Ut de âlde doaze

SDS 2 1983



Steand: Klaas de Haan, Nico Kooistra, Harm Jan Klijnsma, Christiaan Bergstra, Niels Persoon, Haye Bergstra, Roel Sijbesma , Marten de Groot, Yde Sijszeling (Glas 80 sponsor)  
Op hurken: Rienk Wiersma, Ferrie Duipmans, Bertus Bootsma, Durk P. Kroondyk, Klaas van der Weg,  
Jan van Asselt

## Doelpunten 2004-2005

1	Ype Tiemersma	IV	8	39	Rudy Dijkstra	V	1
2	Hendrik de Jong	I	7	40	Willem Feenstra	V	1
3	Gearard Posthuma	V	7	41	Johannes Dotinga	V	1
4	Harm Auke Dijkstra	III	6	42	e.d.		1
5	Roel Sijbesma	IV	6				
6	Anco Elgersma	II en IV	5				
7	Eddy de Boer	IV	4				
8	Robert Sijbesma	I	3				
9	Durk Y. Sjaarda	I	3				
10	Henk Postma	I en II	3				
11	Anne Stenekes	II en III	3				
12	Jan Stenekes	II en V	3				
13	Gerlof Veldstra	V	3				
14	Bas de Haan	V	3				
15	Harm Stremler	I	2		Ype Tiemersma fertelt hjir op syn eigen wize hoe't it him wer slagge is om as earste op de list te stean.		
16	Mark Postma	I en II	2		Ype sjocht fansels ek wol dat Hendrik, Gearard , Harm Auke en Roel him ticht op de hûd sitte. Opfallend binne de twa Stenekussen op plak 11 en 12 beide mei 3 doelpunten. Ek opfallend is de keeper-spits Jappie Wijnia. At hy de iene blessure hat kin er net fuotbalje mar wol keepe, hat hy in oare blessure kin hy net keepe mar wol skore.		
17	Jeroen Brouwer	II	2				
18	Willem Wijnia	II	2				
19	Skelte Anema	II	2				
20	Gerrit Hingst	II en III	2				
21	Jappie Wijnia	III	2				
22	Bertus Bootsma	IV	2				
23	Sipke Hiemstra	IV	2				
24	Folkert Rients Vellinga	IV	2				
25	Jacob Klaas Haitsma	II	1				
26	Jan Simon Jelsma	II	1		De doelpuntenlist wurdt alle wiken bywurke op <a href="http://www.vv-sds.nl">www.vv-sds.nl</a>		
27	Pieter Kamstra	II	1				
28	Ruurd Boersma	II	1				
29	Douwe Kool	III	1				
30	Remco Brouwer	III	1				
31	Ronny Wagenaar	III	1				
32	Jentsje Jorritsma	III	1				
33	Dennis Dijkstra	III	1				
34	Frank Rijpma	III	1				
35	Ype Burggraaff	IV	1				
36	Ids Boersma	IV	1				
37	Tsjalling Hoekstra	V	1				
38	Bas van der Wey	V	1				



# SDS League: Stân per 28 oktober.

Stand	Vorige stand	Naam team:	Coach:	Woonplaats:	Week						Totaal	Prijzen
					2	3	4	5	6			
1	8	Pieter Kamstra	P.K.	Hennnaard	39	43	42	27	49	251	€ -	
2	3	Hey Ho Let's Go	W.W.	Wommels	53	42	34	24	44	250	€ 12,00	
3	1	De Puntenpakkers	S.P.	Wommels	50	46	31	27	36	245	€ -	
4	7	Hoe fier komt Pier?	P.F.	Easterein	35	43	58	21	40	243	€ 12,00	
5	24	Hadsikidé	C.P.	Wommels	28	35	47	20	54	243	€ 12,00	
6	2	50 Gerardcent	G.v.A.	Easterein	38	57	36	20	35	241	€ 12,00	
7	9	Zero Tolerance	B.v.d.W.	Easterein	48	39	43	19	39	240	€ -	
8	4	AC Adema	C.A.	Wommels	37	43	45	25	35	239	€ -	
9	5	De Fytsemakkers	M.W.	Wommels	40	33	39	33	34	238	€ 12,00	
10	10	Omheech	M.J.	Wommels	42	36	44	19	37	238	€ -	
11	6	Robert Hoekstra	R.H.	Easterein	42	38	48	20	32	235	€ -	
12	11	November Rain	G.A.T.	Easterein	38	40	32	23	34	234	€ -	
13	18	Durk Okkema	D.W.O.	Easterein	38	42	26	26	40	233	€ -	
14	12	Tonight's the Night	L.H.	Wommels	37	36	46	22	33	231	€ -	
15	16	Scorend Vermogen?	M.P.	Wommels	32	42	47	24	35	230	€ -	
16	14	Blyn foar de Pot	D.d.J.	Easterein	34	30	56	23	31	229	€ -	
17	19	Iced Earth United	R.J.	Dordrecht	33	35	37	22	37	229	€ -	
18	25	What's wit Andy?!	F.en S.S.	Easterein	40	42	31	24	40	229	€ -	
19	27	FC Guppy's	G.B.	Easterein	39	29	54	19	43	229	€ -	
20	15	Foarhinne Ponghalder FC	P.W.	Wommels	47	34	40	27	31	228	€ -	
21	22	FC Munnaps	B.S.	Spannum	31	42	52	17	38	227	€ -	
22	13	Doch mar wat!	J.P.D.	Easterein	42	40	44	23	28	226	€ -	
23	36	Gurbe de Greidfügel	I.d.B.	Easterein	37	34	38	21	45	224	€ -	
24	26	Sluispikkters	O.v.d.K.	Oudega(W)	34	37	42	25	35	223	€ -	
25	42	Jelsmaninan Devils	J.S.J.	Easterein	32	40	38	23	47	223	€ -	
26	21	Skelte's Greidehippers	S.A.	Mantgum	37	36	44	25	31	222	€ -	
27	20	De Verstandhouding	H.E.	Wommels	44	49	24	24	30	221	€ -	
28	32	Altijd willen winnen	R.B.	Bolsward	34	32	45	21	39	221	€ -	
29	17	FC De Houthakkars	R.J.	Easterein	47	50	27	25	26	220	€ -	
30	31	Robert Sybesma	R.S.	Easterein	26	25	43	19	37	219	€ 6,00	
31	33	FC Thuisfluiter	B.D.	Easterein	35	48	39	26	36	218	€ -	
32	41	Op naar de top	M.F.	Easterein	41	28	35	22	41	217	€ -	
33	23	Huntelaar Rules	J.D.	Wommels	39	34	31	19	26	215	€ -	
34	39	Te Plak	A.en P.W.	Wommels	29	24	36	19	38	215	€ 6,00	
35	45	Der PhanTom	T.W.en R.F.	Wommels	36	47	34	20	40	214	€ -	
36	28	Master of Reality	H.E.	Spannum	37	32	42	20	27	213	€ -	
37	43	The Butchers	L.B.	Easterein	44	39	26	28	36	212	€ -	
38	29	Marco & Lysbeth	M.H.	Easterein	43	41	37	10	23	207	€ -	
39	37	FC Grasmat	E.d.B.	Easterein	33	43	39	14	29	207	€ -	
40	44	Feite	F.d.H.	Easterein	45	28	47	15	32	207	€ -	
41	47	Ilse en Marco	Y.V.	Oudega(W)	31	34	39	23	34	207	€ -	
42	30	Flyers	T.d.B.	Easterein	42	39	34	24	23	206	€ -	
43	49	Kapitein	H.P.	Wommels	32	37	37	28	33	205	€ -	
44	56	SyWeBo	S.W.	Bolsward	37	31	34	15	45	205	€ -	
45	40	PTT	P.W.	Wommels	29	32	37	27	28	205	€ -	
46	34	SC Mukkes	H.J.J.	Wommels	39	34	30	18	23	204	€ -	
47	35	Vengeance is Mine	A.J.	Dordrecht	28	26	47	28	23	203	€ -	
48	38	Anne Stenckes	A.S.	Wommels	43	33	25	24	24	202	€ -	
49	50	Rienk Wiersma	R.W.	Itens	39	38	25	21	35	201	€ -	
50	58	FC De Campione	F.B.	Easterlittens	24	29	43	16	42	199	€ -	
51	46	Solo Super de Boer	E.d.B.	Easterein	22	47	43	18	24	197	€ -	
52	51	Net stinne, mar winne	S.d.S.	Skrok	39	33	25	23	32	197	€ -	
53	55	De Voortzetting	S.K.O.	Easterein	29	43	28	23	35	197	€ -	
54	54	Oranje Nassau Groningen	B.G.	Groningen	17	43	48	11	32	194	€ -	
55	61	The Mean Machine	S.W.	Wommels	18	25	35	23	48	194	€ -	
56	53	Bark at the moon	H.E.	Spannum	31	29	39	20	28	192	€ -	
57	57	Enne Bruinsma	E.B.	Easterein	28	35	40	17	34	192	€ -	
58	59	Noukies	A.J.	Dronrijp	24	21	31	14	40	191	€ -	
59	60	'k soe 't net witte	T.D.	Easterein	34	26	29	18	40	191	€ -	
60	48	Easpânné	M.B.	Easterein	31	33	32	11	17	189	€ -	
61	52	Feeenstra Boys	S.F.	Bolsward	17	33	46	17	23	187	€ -	
62	62	Married with Football	S.v.B.	Wommels	29	27	21	19	46	186	€ -	
63	63	OKB(Op Klompen Begonnen)	S.S.	Itens	20	44	22	18	16	155	€ -	

# Trefferkes

## Ferkeard tillefoannummer.

Tsjerk en Alie Okkema soene it op priis stelle dat jim no allegear it bewarnummer fan augustus der by pakke en op side 12 in wichtige wizinging oanbringe wolle. Sy hawwe harren nocht fan al dy tillefoantsjes dy't bestimd binne foar Klaas Okkema. It telefoannûmer fan Klaas Okkema, trainer fan SDS 2 is 332221.

## Sibe

Yn dizze Treffer gjin Sibe. Hy hat ús witte litten dat er it te drok hat mei de kampanje "wa is de grutste Skrokker aller tiden". De volgende kear hopet hy dêr mear oer te fertellen. Wy binne op himsels wol bliid hjirmei, want sa kinne wy de romte brûke foar folle wichtiger nijs.

## Nije konsul

It fuotbaljfjild yn Wommels wurdt brûkt foar trainingen fan SDS 1 en 2. Der binne soms dagen dat in normaal minsk sizze soe: hjoed mar net traîne, want it is te wiet omdat it te hurd reind hat. Klaas Okkema joech op de gearkomst moandeitejûn aan dat hy it him net foarstelle koe dat it trainen troch him ôfblaast wurdt. "Der moat immen wêze dy't my dat sizze moat, oars giet it altitien troch".

It trainingbist fan SDS 2 hat him gelyk aanmelden om te nei foar de training Klaas der efkes op te wizen dat it trainen better mar net troch gean kin.

Reaksje fan Klaas: "Dan moat hy tenei al earder fan de Walperterwei ôf komme".

## Clarence-sluierklassemint

Sa't jim fêst wol witte stelle wy it net op priis at spilers in strafskop misse. Op [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl) hawwe wy dêrom in klassemint ynrjochte. Missers fan strafskoppen komme dêr "gesluierd" yn. De ôfrûne wiken hawwe wy wer wat slachtoffers fûn. Sjoch op ynternet hoe't Jacob Oostra, Anne Stenekes en Gert Jan Hiemstra derút sjogge neidat se in strafskop mist hawwe.

## Wiksels

Harm Stremler waard yn de wedstriid tsjin WPB yn de twadde helte wiksels. Krekt foar tiid krige SDS in strafskop en omdat Harm der net mear yn stie, koe hy de strafskop net nimme. Gert Jan miste jammerlik. Kommentaar fan Harm nei ôfrin: "Dy trainer wiksels my fêst net wer."

## Grutte Klupaksje.

De senioaren fan SDS waarden lêsten sneon wer ferrast mei twa lotten foar de grutte klupaksje. Sy waarden fersocht dy twa aan de man te bringen of se sels te hâlden. Dat lêste liket ús de grutste kåns te hawwen. De grutte klup aksje levert SDS ek wer op.

## Gesellige kantine

Op de website fan Urk stie in ferslach oer SDS 2 – Urk 3. Efkes in sitaat dêrût: *Een barslechte wedstrijd eindigde dus in een 1-1 gelijk spel. SDS kon tevreden terugreizen naar het altijd gezellige Easterend met een gewonnen punt.*

Sa sjogge je mar wer : ek op Urk stiet Easterend goed bekend.

## Hoe kom ik by SDS?

De Boys fan Broekster Boys geane mei de bus nei útwedstriden. Úntank it feit dat er prima routeplanners en navigaasjesystemen binne, woe de sjofeur op de áldfrinzige wize sjen at hy te plak komme koe. By kafe Bergsma dêrom mar efkes in áld froutsje freegje, hoe't je by SDS komme.

Dy seach dit as in kâns om dizze "toeristen" efkes in stikje fan Easterein sjen te litten en stjoerde se rjochts ôf, oer de brêge lofts en nei wat kronkelbochten kamen je wol te plak.

Dat se sels noch nea in bus bestjoerd hie wie wol dûdlik want mei wat auto's oan de kant rekke de bus suver fêst yn it stilsteande ferkear.

"Goeie rie is djoer,"tocht de sjofeur, doe't hy by Lolke Bouma foar de winkel stie."mar efkes de slachter freegje, dy sil it fêst wol witte.

"Hoe kom ik by SDS,"frege de man.

"Hurd traine en dan ha je wol kans,"wie it antwurd fan Lolke.

Nei wat draaien en kearen kaam de bus aardich ferlette oan by it sportpark. Dat de ploech net echt skerp wie hie mooglik mei it boppesteande te meitsjen.

## Klupfine

Soms moatte je nei plakken ta te fuotbaljen, wêr fan je amper heard hiene. It falt soms ek net ta om it goeie paad nei it sportpark te finen. De sjoffeur fan BroeksterBoys bus wit dêr alles fan. Der is no in alder aerdischte kaart makke wêr'op alle amateurklups op steane, mei in plattegrûn wê'r je fuotbalfjild fine kinne. "Clubvinder Voetbal" hiet dat ding en at it ús net mist is der foar lieders fan SDS fêst ien beskikber. Freegje der nei by it sikretariaat. Sa kinne je wol hiel maklik it stadion fan Blijja en Dolsterhuzen fine.

## De Treffer op ynternet

As it allegear wat lukt dan kinne jimme foartaan de Treffer ek eltse moanne op ynternet lêze. Dit is lang sa leuk net fansels as dat je him thûskrije, want yn de ynternetedsje steane gijn foto's. It is no al sa dat minsken yn it bûtenlân bygelyks alris sjen kinne wat de Treffer no sa 'n bytsje ynhâldt. Sjoch by "de Treffer" ûnder "De Treffer" en jimme kinne de Treffer fan juni 2003 en de Treffer fan oktober 2004 delhelje.

## Sammeldrift

As der by SDS 1 of 2 in shirtsje of broekje mist dan wurdt der al gau sein dat dit fêst by Jacob-Klaas Haitsma yn 'e kast hinget. It is net dûdlik as dit no komt trochdat hy lêst hat fan kleptomanie, shirtsjes en broekjes sparret of se gewoan per úngelok yn syn eigen tas stekt. Ek de keatsferiening fan Easterein bliket noch in shirtsje en in broekje te missen. Wêr soe dit no wêze kinne? Hans Kooistra hat Erik Haitsma sneon mar ris frege om ris yn syn of Jacob-Klaas syn kast te sjen. It wol de KF net misse dat ek dit tenue bedarre is yn de samling fan de Haitsma's.

## Oantekens fan de jiergearkomst

Op 25 oktober wie de jiergearkomste.


Nijsgjirrige saken fan dizze jûn:

- v Foarsitter Rienk hjit sa'n 40 leden wolkom
- v Teake Brouwer giet út bestjoer om sûnensredenen
- v SDS kin net sûnder de ynset fan al dy vrijwilligers
- v Auke Jetze fersoarge de kofje en thee
- v SDS hat sa'n 296 leden
- v 2003/2004 wie sportyf sjoen in prima jier

- v 2003/2004 wie finansjeel ek in goed jier
- v Auke Jetze fersoarge de gefulde koeken
- v Bestjoer Skoalleseize jout útlis oer takomstplannen
- v Op in moaie nije kantine mei fitnessromte wurdt op ynsetten
- v In tredde fjild soe best noch wolris komme kinne
- v In jeugdtrainer is noch altiten net fún
- v SDS hat 12.000 euro mei betelle aan de Ijochtmesten by it nije trainingsfjild yn Easterein
- v Protte sportive suksesen fan jeugd alvetallen
- v Mars aksje jeugdkommisje grut sukses
- v Koos Plantinga ferlit jeugdkommisje en krijt blommen
- v Der is noch net in nij lid fún
- v De nije kleanline (sjurtsje) wurdt sjood troch Enne Jehannes
- v Gearkomst stamt yn mei ynrjochtsjen kleanfüns
- v Kleanfüns wurdt fuorre troch sponsers en leden (0.50 euro sint per moanne)
- v Alle leden spylje oer in oantal jierren yn de selde sjurtsjes, mei of súnder reklame
- v Auke Jetze fersoarge al wer in bakje kofje of thee
- v De útspraak fan de jún kaam fan Feike Jorritsma fan de Skoalleseize: fa Okkema, fa. de Jong en fa Couperus hawwe net mei in harke skreaun. Der misten wol wat tosken út. Prima sponsors dus.
- v Kontribúsjeferheging fan 2% is akkoard
- v Plantinga en Plantinga hawwe de boeken fan de ponghálder besjoen en goed befún
- v Plantinga giet er út en Ids Boersma komt er yn.
- v Klaas Okkema jout oan dat er neat mis mei de side fan it dophok
- v Douwe Durk is dat mei him iens
- v Goed 10 oere sjit it al moai op.
- v Auke Jetze tapt in bierke
- v Auke Jetze tapt in bierke
- v Auke jetze tapt in lèste bierke

## **Klaas en Richard**

De wike foar de wedstriid SDS-WPB hiene klaas en syn kollega's in al den dei oer SDS-WPB. Dat kaam omdat Richard de Jong ien fan dy spilers fan WPB is.



Nei ôfrin fertelde Richard noch efkes werom hy him sa drok makke by de strafskop en wat hy allegear dien hie om Gert-Jan fan syn stik te bringen.

## Pupillen de wike yn dug-out

By alle thûswedstriden fan SDS binne der 2 pupillen fan de wike. By SDS-WPB wiene dat Ruurd en Jelle Jan Visser fan E4. Sy sieten noflik yn de dugout te wachtsjen op it momint dat se it skoreboerd bywurkje koene.



## Bliid hinne, ‘gûlend’ werom.

Sneon 16 oktober geane in heit, mem en soan en in freon mei in reiske nei de Arena yn Amsterdam. In hiele moaie middei hân yn de Arena. In rûnlidding, fan alles heart en sjoen en fansels it wichtichste, de wedstriid fan Ajax tsjin it Hearrenfean. Alle busminskens hienen in prachtich plakje boppe op de tribune mei it each op de middenstip en de parsetribune. Se sieten net safier fan de Keninklike lôge ôf en hienen self ek in keninklik plakje.

De twa jongkeardels binne echt Ajax-fans en gienen der ris goed foar sitten, want Hearrenfean wie wol te pakken. By de earste goal kamen de mannen allinnich in ein omheech yn it fak om te jûchen. De rest bleaun sitten want dat wienen fansels allegear Fean-fans. De mannen hienen it tige nei it sin en de rest fan it fak wie doe stil. Mar doe waard it 1-1 en de gesichten belutsen. By 1-2 kamen de ‘tongerbuien’ en by 1-3 wie it goed mis. Allegear praat, it lei oan de

skieds, oan it fjild, de spilers ensafuorthinne en it hiele fak mar gnize en heit en mem ek.

De weromreis wie lang en dreech. Eltse kilometer waard troch de hiele bus frege hoe de einstân wie en as it al wer wat better gie. De beide mannen bleaunen stil. No Ewout en Christiaan, ik kin jimme allinnich dit sizze: De 1-3 lei allinnich mar oan Hearrenfean, want die wienen gewoan better! Sterkte mannen. Groetnis, Louis.

## Omrop Fryslân

Yn it programma Omrium op tiisdeitemoarn wurdt altyd oandacht jûn oan nijs gjirrige websiden. Koartlyn wie it tema fuotbalferieningen en de side fan SDS wie it haadtema. Aant mocht yn de studio mei Onno Falkena en René Koster prate oer werom de side fan SDS safolle besikers lûke. As foarbyld waard it folgende trefferke foarlêzen.

## Willem 2x?

Net ien begriep sneon hoe it no koe dat Willem yniens 2 kear skoorde foar SDS 2. Wat wie der oan 'e hân? Ek sels wie it him noch net dûdlik. Oan't juster. Wat die no blikken? Syn heech swangere vrou hat wat "nesteldrang" en makket alles skjin wat los en fêst sit. Sa makke sy foarige wike ek (foar it earst) Willems fuotbalskuon skjin. Dit hat aardich holpen. De skuon fan ôfrûne sneon binne no ek alwer skjin dus Urk 3 kin hun sneon klear meitsje. Willem sil no syn sealskuon noch efkes klear sette.

# Aginda

Wanneer	Wat	wêr
6 novimber 14.30 oere	SDS 1- Zeerobben 1	Skoalleseize Easterein
13 novimber 14.30 oere	QVC 1 – SDS 1	Starum
14 novimber 14.30 oere	Tsjipke Klaas Okkema wurdt 20	Thús of Dophok
18 novimber 21.30 oere	2 <sup>de</sup> foarronde kenniskwis	Kantine Skoalleseize
20 novimber 14.30 oere	SDS1 – ONT 1	Skoalleseize Easterein
27 novimber 14.30 oere	Drogeham 2 – SDS 2 (beker)	Drogeham
27 novimber 12.30 oere	SDS B1 – Ens B1 (beker)	Skoalleseize Easterein
29 novimber	Uterste ynleverdatum kopy Treffer desimber	<a href="mailto:treffer@vv-sds.nl">treffer@vv-sds.nl</a>
2 desimber	Trefferfergadering	Kantine Skoalleseize
2 desimber 21.30 oere	3 <sup>de</sup> foarronde kenniskwis	Kantine Skoalleseize
4 desimber 14.30 oere	Hardegarijp 1 – SDS 1	Hurdegaryp
11 desimber 14.30 oere	SDS 1 – 't Fean 1	Skoalleseize Easterein